

Lear Staverjen



Les 1

1.1. Fryslân

It Frysk heart ta deselde taalfamylje as it Nederlânsk, nammentlik it Germaansk. Binnen dy taalfamylje leit it Frysk it tichtste by it Ingelsk, ek al tinke jimme miskien dat ús taal it meast op it Nederlânsk liket. Dat komt dan omdat we tefolle Nederlânske wurden troch de Fryske taal grieme. Mar soks giet hiel maklik, om't wy tige beynfloede wurde troch it Nederlânsk. It is de bedoeling dat jimme jim bewust wurde fan de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk.

Letters

De letters sa 't wy se brûke binne by elkoar setten yn it alfabet en om't dy letters it earst brûkt waarden yn it Latyn, neame wy dat it Latynske alfabet.

Brûke wy yn it Frysk alle letters fan it alfabet? Ast it net witst: sjoch ris yn in wurdboek. Wat is bygelyks it lêste wurd yn it Fr-Nl wurdboek? Wat fan soarte wurdboeken binne der eins?

Falt dy fierder wat op ast in Fryske tekst fergelikest mei in Nederlânske tekst? Skriuw safolle mooglike ferskillen op.

As jimme in Nederlânske tekst meitsje, litte jimme de "spellingscontrole" der grif efkes oer hinne gear. Kin dat ek foar Fryske teksten?

Yn it Nederlânsk hawwe jimme leard dat der twa soarten letters binne: klinkers en medeklinkers. It Frysk hat deselde twadieling, mar we neame se dan lûden en bylûden. Net wer ferhjitte!

1.2. Ynterferinsjes

It ferskynsel ynterferinsje komt in protte foar en it wurdt ek noch hieltyd slimmer. Wy prate fan ynterferinsje as wy yn it Frysk gebrûk meitsje fan Nederlânske wurden, foarmen, útdrukkings en konstruksjes ynstee fan geef-Fryske. Binne jimme it jim eins wol bewust dat jimme it allegear dogge? Sjoch ris nei de ûndersteande list:

| | | | |
|----------------|---|------------|--------------------|
| moeilik | slim, dreech | bijna | hast |
| yts | wat | toen | doe, doe't |
| byfoarbyld | bygelyks | tot | oant, ta |
| erch | hiel, tige, o sa, slim | namelik | nammentlik |
| sich | him, har | rekkening | rekken |
| hun | har(ren) | eisen | easken |
| je | do, jo, men | snel | gau, fluch |
| myn heit/mem | ús heit/mem | folle | in protte, in soad |
| uze | ús | weinich | in bytsje |
| it ein (einde) | de ein | sprekke | prate |
| sa metien | (fuorten)daliks | hoofdstik | haadstik |
| grutter dan | grutter as | slecht | min |
| fanôf 8 jier | fan 8 jier ôf | kleuters | beukers |
| boven | boppe | tidens | by, ûnder, yn |
| beneden | ûnder | wie | wa |
| welke | hokker, watfoar, hokfoar | langsaam | stadich |
| steeds | hieltyd, altyd | foldoende | foldwaande |
| geskidenis | skiednis | rûn 6 oere | om 6 oere hinne |
| ûngefear | sawat, om ende by, likernôch | | |
| samen | tegearre (2 persoanen), mei-inoar (mear as 2 persoanen) | | |
| bezych | dwaande, oan 'e gong/slach | | |
| folgende wike | oare, nije, takom, ankom wike | | |

Les 2

2.1. Stavering

De earste en wichtichste staveringsregel foar it Frysk:

Wy skriuwe de wurden sa't wy se útsprekke. Dêrom skriuwe wy fûgel (vogel) mei 'f' en net mei in 'v' en swak (zwak) mei in 's' en net mei in 'z'. As it goed is hawwe jimme yn it wurdboek al sjoen dat der yn it Frysk gjin wurden begjinne mei in 'v' en in 'z'. Komst dy letters wol tsjin oan it begjin fan eigennammen, bygelyks: 'Van der Zee' wurdt net oersetten yn 'Fan der See'.

Brûke wy dy letters dan hielendal net yn it Frysk? Sjoch ris yn 'e tekst fan de lessen.

Opdracht a

Betink 5 wurden dy't yn it Nederlânsk mei in v begjinne en 5 wurden dy't mei in z begjinne. Set dy wurden oer yn it Frysk.

Opdracht b

Folje yn it folgjende stikje yn: **s/ss, z/zz, f/ff, v/vv**.

1. Op it ...trân by de Noard...ee dra...e ...ân bern de ...ee yn.
2. ...e roppe en ra...e as ...e in ...ee...ûgel ...jogge.
3. Wacht...je, ik moat di...e gri...e ...okken earst noch e...kes ...uortbringe.
4. ...et de ...aas mei blommen mar op 'e ta...el.
5. Yn it ...jild ...ljocht in ha...e en ...eis lytse ha...kes huppelje
...leurich achter him oan.
6. Ik si... dochs dat ik dat ...wiete ...nobbersguod net opite wol.
7. ...y hat alle brie...en juster lê...en.
8. Klaske woe net antwurd...je op de ...raach oer dy drege wurd...jes.

Gearfetting:

De f, v, s en z kinne foarkomme op de folgjende plakken yn in wurd:

| | begjin wurd | Midden wurd | ein wurd |
|--------------|-------------|-------------|----------|
| f / v | f | f / v | f |
| s / z | s | s / z | s |

De útgong **-zje/-sje** op 'e ein fan in wurd komme beide foar.

Nei in wurd mei in **d** folget **-zje** (arbeidzje, stúdzje).

Nei in wurd mei in **t** folget **-sje** (wachtsje, genietsje).

Utsûnderingen binne de ferlytsingswurden. Dy krije altyd **-sje** (paadsje, kaartsje).

Wurdfjild

Hjirûnder stean in tal wurden mei in f of in s. Ast net witst wat dy wurden betsjutte, moatst se mar opsykje yn it wurdboek. De wurden kinne werom komme yn in diktee.

fol frije fan ferfele fiif
fervje fiele fersomje fette simmer

| | | | | |
|-------|----------|-----------|-------|---------|
| sear | sette | swier | sinne | flater |
| sipel | breidzje | genietsje | sân | fjouwer |
| soan | ferfke | útsykje | mûzen | fjoer |

Wurdsoarten

Wurden kinne yndield wurde yn soarten. Soks witte jimme fansels wol, omdat jimme dat leard hawwe by Nederlânsk. Elkenien wit wat in ‘zelfstandig naamwoord’ is, mar it is handich om jimme al fêst yn de kunde te bringen fan de Fryske beneamings, want dan kinst dy fuortoan ek mar brûke.

| Wurdsoarte: | foarbylden: | Nederlânsk: |
|-----------------|-------------------------|-----------------------|
| Haadwurd | stoel, kast, stilte | zelfstandig naamwoord |
| Eigenskipswurd | grien, hurd, skjin | bijvoeglijk naamwoord |
| Tiidwurd | sitte, meitsje, skriuwe | werkwoord |
| Lidwurd | de, it, in | lidwoord |
| Telwurd | ien, tsiende, inkelde | telwoord |
| Foarnamwurd | ik, dat, wa | voornaamwoord |
| Bywurd | moarn, stadich, soms | bijwoord |
| Ferhâldingswurd | op, ûnder, tsjin | voorzetsel |
| Bynwurd | en, of, mar | voegwoord |
| Útropwurd | ja, och, hearken | tussenwerpsel |

2.2. Ynterferinsjes

Sûnt 1980 stiet der in lyts rubrykje yn de ‘Leeuwarder Courant’. Earst ûnder de namme ‘Taalspegel’, mar de lêste tiid hiet it ‘Opskerper’. Yn dy rubryk wurdt de lêzers de spiegel foarhâlden dat se har der bewust fan wurde oft se min of geef Frysk brûke. No soest de yndruk krije kinne dat de beynfloeding troch it Nederlânsk eins hieltiten om losse wurden giet, mar dat is net sa. It hiele Fryske taalsysteem wurdt oantaast. De foarmen fan oantaasting kinne wy yndiele yn kategoryen.

a. De folchoarder fan de sin kin ferhollânskje.

De bou fan de sin is yn it Frysk wol ris oars as yn it Nederlânsk. It omdraaien fan de tiidwurden komt bygelyks hieltyd mear foar. Yn it Nederlânsk kin men sizze: ‘Ik zal je het boek laten zien’. Yn it Frysk wurdt dat dus net: ‘Ik sil dy it boek litte sjen’, mar: ‘Ik sil dy it boek sjen litte’.

b. Der wurde Nederlânske wurden brûkt.

Yn in protte gefallen wurde hiele wurden oernommen út it Nederlânsk. Yn les ien hawwe wy dêr al foarbylden fan sjoen.

c. De betsjutting fan wurden wurdt feroare.

In wurd kin op himsels Frysk wêze, mar neffens de foarm ferhollânskje. Twa foarbylden: Yn it Frysk wurdt ûnderskie makke tusken ‘besykje’ en ‘probearje’. ‘Besykje’ betsjut neigean oft it ien of oar kin (ik sil besykje om it wurk moarn klear te krijen) en ‘probearje’ betsjut de proef nimme (nije ierappels probearje). Itselde komt foar yn it Dútsk: sy hawwe it selde ferskil mei ‘versuchen’ en ‘probieren’. In protte Friezen kinne it ferskil net mear en brûke allinne mar mear it wurd ‘probearje’.

In selde soarte gefal hawwe wy mei ‘buorkerij’ (=bedriuw) en pleats (=gebou + lân) Yn it Nederlânsk wurdt foar beide begripen it wurd “boerderij” brûkt, en dêrom brûke in soad Friezen allinne it wurd ‘buorkerij’.

d. Ferkeard oersetten.

Yn guon gefallen wurdt itselde net sein mei deselde wurden, der is ferskil tusken it Frysk en it Nederlânsk op it nivo fan taalgebrûk. In pear foarbylden: ‘Ferbeane tagong’ komt fan it

Nederlânske 'Verboden toegang' mar it is net geef Frysk. Fanâlds sizze de Friezen: 'Tagong ferbean'.

In Fries seit fanâlds net 'Wel te rusten' mar 'Sliep lekker'.

Foarbylden fan ynterferinsjes út it ûnderwiis:

1. Meester en juffrouw binne beide siik (master; juffer)
2. Der sil hjoed gjin kringgesprek hâlden wurde (rûntepetear)
3. De learkrachten hiene har befoechheid wol, mar diene net folle oan Frys. (learkrêften; foech; Frysk)
4. In kleuterjuf moat niget oan bern hawwe (beukerjuf)
5. Dy leidster mei graach mei foubladjes wurkje en op it bord tekenje. (liedster; tearbledsjes, boerd)
6. Se lit de kleuters yn it speelkwartier op it klimrek boartsje. (beukers; frijkertier /boartersskoft)
7. De peuters geane by ús nei de peuterspeelzaal. (pjutten; it pjuttehonk)
8. Yn 'e herfstfakansy en de foarjaarsfakansy bliuwe wy thús. (hjerstfakânsje; foarjiersfakânsje)
9. De ouderkommisje of de ouderraad hawwe neat te krijen mei it opnamebeleid. (âlderkommisje; âlderrie(d); opnamebelied)
10. De folwassene-edukaatsy komt mear yn 'e belangstelling. (folwoeksene-edukaasje)

(út: Foar de taalspiegel)

Lear de Fryske wurden.

Set oer yn goed Frysk, brûk byneed in wurdboek:

1. Ik wil je wat laten zien.
2. schoolmeester
3. vergadering
4. Kom binnen!
5. Ik probeer het vandaag af te maken.
6. Mijn ouders wonen in een oude boerderij.

Les 3

3.1. Stavering

Wannear moat der in g skreaun wurde en wannear in ch?

Yn it Frysk staverje wy in *g* as by de útspraak de stimbannen trilje (=stimhawwend); *gg* allinne as dat foar de útspraak needsaaklik is. As by de útspraak de stimbannen net trilje(=stimleas) staverje wy in *ch*.

Foarbylden:

Stimhawwend:

biggen

sjogge

rûgelje

kûgel

stimleas:

kachel

bochel

psycholooch

poche

Besykje ris oftst it fiele kinst.

Yn skema:

| g | ch |
|--|---|
| begjin wurd foar in d foar -je by tiidwurden | ein wurd foar in s foar in t foar -je by ferlytsingswurden |

N.b. Tink yn 'e midden fan in wurd efkes om it tal g's. Nei in lang lûd ien g, nei in koart lûd twa g's. Foarbyld: wy doge (lange o; Nl.: wij deugen) wy dogge (koarte o; Nl.: wij doen).

Opdracht a

Folje yn it ûndersteande stikje **g/gg** of **ch** yn:

1. Ik sjo... gjin hân foar de ea...en.
2. Sjo...sto dy mi...en tsjin dy he...e muorre omhee... klimmen?
3. De boer ploet...et syn lân mei in ploet...je.
4. Wat in aardi...e jonge hasto útnoe...e.
5. Myn ...iele broek hin...et by de ka...el te droe...jen.
6. In bi...e is in lyts bar...je.
7. It wie net moo...lik om dy ...rouwe balke troch te sea...jen.
8. De brê...e bû...de hast tro... doe't dy fra...twein deroer ried.
9. Der flea...en in pear blauwe mi... en om.
10. De lytse do.. eneat ...ong der mei de mi...eklapper efteroan.
11. It wie foar him hast ûnmoo...lik om dy ûndraa...like ynsekten dea te slaan.
12. Myn ma.....e kin derauwe earte net ferdra.....e.

Wurdfjild

| | | | |
|---------|-----------|-----------|-------------|
| genôch | geef | acht | daaglik |
| deugd | hy sjocht | gesellich | geselliger |
| heech | hege | heechst | lege |
| tocht | dochs | wy hoege | do fljochst |
| berch | bergen | richel | do draachst |
| feilich | hy hoegde | ik seagje | in seachje |
| deeglik | wy bargje | wy sjogge | beweechlik |

3.2. Ynterferinsjes

Ferfolch fan les 2.

e. It lûd kin ferhollânskje

As 'kâns' as 'kans' útsprutsen wurdt, dan is it Nederlânske lûd oernommen. By nammen komt dat in soad foar. Tink ris oan: 'Hâns' – 'Hans', 'Prins' (mei de 'i' fan 'minske') – 'Prins' (mei de 'i' fan 'min' en in dúdlik útsprutsen 'n'), 'Hiemstra' (mei de 'ie' fan 'hiem') – 'Hymstra' (mei de 'y' fan 'flym'), ensfh.

f. De foarm fan it wurd kin ferhollânskje

By de bûging fan tiidwurden nimme wy gauris de Nederlânske foarm oer. Foarbylden: 'hy kloppet' wurdt faak 'hy klopt' om't it yn it Nederlânsk 'hij klopt' is. 'Ik stroffele' wurdt ek al hiel faak: 'ik stroffelde'. Wy komme dêr by de tiidwurden wol op werom.

De ynfloed fan de earste rykstaal sjocht men ek by de ferlytsingswurden, bygelyks: In lytse finger is yn it Frysk in 'fingerke' en net in 'fingersje' en in lyste kabouter is in 'kabouterke' en gjin 'kabouterkje'.

Opdracht:

Meitsje der goede Fryske sinnen fan en betink hoe'tst se útsprekke moastst ast dêr yn de les om frege wurdst.

1. Ik hoop dat ús mem moarn ek komt.
2. Dy lytse spikersjes kin ik net goed sjen.
3. Hans hie gjin kans op in dans mei dy Franse frouwen.
4. Der steane twa swarte skieppen op 'e seedyk.
5. It jonkje ried op syn brommertsje nei de stêd ta om in wurdeboek te keapjen.
6. Acht bestjoer fan de CHN, hjirby stjoer ik jim in pûde kolabeartsjes.
7. De frouwen spylden better as de mannen.
8. Oeps, ik ha myn tas ferjitten!
9. Soe se al in feesttinte regeld hawwe?
10. As ik de hoeden mei in spons opwriuw, dan krije se in moaie glans.

Wier of net wier?

1. De Nederlânske wurden 'minder' en 'minst' wurde beide op deselde manier útsprutsen as de Fryske wurden 'minder' en 'minst'
2. De Fryske wurden foar 'Groningen' en 'grens' wurde op deselde manier útsprutsen.
3. It Fryske wurd 'skuon' is it iental ('enkelvoud') fan 'skuonnen'.
4. De Fryske plaknammen 'Stiens' en 'Wyns' rymje op inoar.
5. 'Karretsje' en 'beampje' binne goede Fryske wurden.

Les 4

4.1. Stavering

De stavering fan de lûden a / aa, e / ee en o / oo sil net folle swierrichheden opleverje as jimme de stavering fan it Nederlânsk goed yn 'e macht hawwe. De stavering fan dy lûden giet op deselde wize as yn 't Nederlânsk

Foarbylden fan koarte lûden:

pak pet sop bok
bakker sjen sokken sokke

Der steane twa rychjes mei in 'o'. Wêrom eins?

Foarbylden lange lûden:

fraach heel hoopje
fragen redens doge
twa see kado

Wat falt jimme op?

De letter 'a' yn in sletten wurdlid kin op twa wizen útsprutsen wurde. Yn guon gefallen wurdt de 'a' útsprutsen as in 'a' fan *pak* en yn oare gefallen wurdt de 'a' útsprutsen as de 'o' fan *hok*.

Foar de klanken s-l-d-t-n (ezelsbrechje: soldaten) staverje wy yn it Frysk in 'a', wannear't it oerienkomstige wurd yn it Nederlânsk ek in 'a' hat. De útspraak fan dy 'a' is dan hast altyd de 'o' fan *hok*. Tink derom: net altyd!

Foarbylden:

regel: *útsûnderingen:*
kras do hast
foaral fallyt
kladde twadde
gat hy hat
fan banjo

Yn skema:

| | Koart Sletten | lang iepen | lang sletten | ein wurd koart | ein wurd lang |
|------------------|--------------------------|-----------------------|-------------------------|---------------------------|--------------------------|
| a / aa | hastich | radio | baarch | sa | twa |
| o fan hok | kat | | | | |
| e / ee | pet | kleden | kleed | se | tee |
| o / oo | hok | projekt | boom | | do |


Opdracht a

Folje yn: a, aa, e, ee, é, o of oo.

1. M...ster jout ...lle fr...den in dr....ch dikt....
2. De bern h...wwe der in grouw...ligen h...kel oan.
3. Hy m...kke s...kke dr...ge sinnen, s....s:
4. Yn it kaf... oan s.... siet in prostitu... te t....drinken.
5. Doe' t de bern thús k.... men hie mem de t.... al r.....
6. Mem h...pet d...t de bern in kn...p sifer h...lje.
7. M...r soe it w...l sl...gje?
8. Mem soe it sl....d klearmeitsje, mar se koe it better oan de b.....rch j...n.

Opdracht 1

- Besjoch de tekeningen en skriuw de wurden op.
Yn de wurden stiet ê of ea.
- Skriuw ek it meartal en it ferlytsingswurd op.



Ut: Skriuwtaal

4.2. Ynterferinsjes

Sykje de ynterferinsjes yn de ûndersteande sinnen en ferbetterje dy wurden:

1. It adembheljen foel my swier, om't ik de ribben kneusd hie.
2. Ik krij it kâld, mar ús mem hat it waarm.
3. Pyt krabte oan 'e pûkel op it wang oant it begûn te bloeden.
4. Us beppe is juster overleden.
5. "Snoepe is net goed", seit de toskedokter.
6. Ik moast hieltyd oerjaan, dat ik koe de pillen net slikke.
7. Hy hat hollepine en ik haw de foet ferstuikt.
8. Do moastst it iten goed kauwe en net sa hurd trochslikke.
9. Moastst efkes omroere oant de bûter smolten is.
10. Wy stopje mei de stúdzje.

Les 5

5.1 Staving

Myn broek is wyt.
Myn wite broek is wiid.
Myn wite, wide broek is wiet.
Ik wit wêr't myn wite, wide, wiete broek leit.

As der in 'i' stavere wurdt, hat dy 'i' lang net altyd deselde útspraak. Ferlykje de útspraak mar ris fan de wurden: *pit*, *winst*, *wite*, *wide* en *earlik*. Wy sille ris sjen hoe't soks sit.

'i' fan 'pit'.

In koarte 'i' wurdt altyd mei in 'i' stavere. It bylûd dat der op folget wurdt ferdûbele as dat tusken twa lûden stiet. Bygelyks: *switte*, *pikke*, *rinne*

'i' fan 'winst'

De 'i' wurdt in noaslûd as der in 'ns' of in 'nz' efter komt. Bygelyks: *minske*, *finster*, *grins*, *grinzen*.

'i' fan 'earlik'

Yn guon gefallen wurdt de 'i' útsprutsen as de 'u' fan 'puł'. Dat bart by de lidwurden 'it' en 'in' en by de efterheaksels *-lik* en *-ich*. Foarbylden: *uterlik*, *houlik*, *wichtich*, *nuttich* en de wurdjes sa as *jin* en *ris*.

Haadregel y/ii/i/ie:

| lûd | sletten wurdlied | lepen wurdlied | ein wurd |
|-------------------|------------------|----------------|----------|
| Koart: y | wyt | wi-te | Taksy |
| Lang: ii | wiid | wi-de | |
| Twalûd: ie | wiet | wie-te | Wie |

Opdracht a

Folje yn it ûndersteande stikje yn: **i**, **y**, **ii** of **ie**:

In âld w...f op it ...s

'...sfrij, ...sfrij!' rôpen de bern op it plein. En d.... t....sdeitemiddei kr....gen se frij. Wat w....ne se bl....d! Komt master ek op it W....d? frege W....tske. 'Ik bin noch st....ver as in doar,' klage er. H.... w....sde nei s....n knibbels. 'Master is dochs gjin âld w....f!' rôp S....be. 'No,' sei er.

It w.... f....s kâld op It W....d. Mar de bern r....den har waarm.n....nen rôp S....be: 'Moatst dêr ris sjen, in âld w....f op its!' 'Dan teit it moarn,' sei W....tske.

In âlde frou mei gr....s hier skeuvelen in lange, gr....ze mantel en in w....te sjaal om oer It W....d. Se h.... in p....pn 'e mûle. 'Wat in healw....s minske,' sei W....tske. Doe gl....d de frou út en foel plat op it l....f. Alle bern r....den derhinne.

'Kinne w.... jo helpe?' frege W....tske. 'Foarsichtich oan,' sei de frou, 'ik hearde n....s watn m....n knibbel knappen.' Se holpen har hoeden oerein en doe seagen se it. 'Master!' rôp S....be.

'H.... hat him ferklaaid as âld w....f. "Wa't it earst by de beam is!' sei master. H... w....sde nei de âldek oan de râne fan It W....d. Mei lange streken gl....d er oer its. "No komme jimme noch", rôp er.

út: Skriuwtaal

5.2. Ynterferinsjes

Dik (NI)

een dik boek – in tsjok boek
dikke vloeistof – tsjokke floeistof
een dikke man – in grouwe man
een dik salaris – in grou salaris
een dikke kus – in dikke tût

'tsjok' wol sizze:

1. sjerpachtich (Nederlânsk: 'stroperig')
2. nei ien kant ta breed (fan platte dingen lykas boeken)

'grou' wol sizze:

1. nei twa kanten ta breed (fan net platte dingen lykas beammen)
2. net meager (fan minsken en dieren)

It wurd 'dik' komt yn goed Frysk allinne mar foar yn de kombinaasje 'dikke tût'.

Erg (NI)

erg mooi – hiel moai, tige moai
erg oud – hiel âld, tige âld
erg verwaarlozen – slim fertutearzje litte
zich erg bezeren – jin slim sear dwaan
erg houden van – in soad/protte hâlde fan
iets heel erg vinden – eat hiel slim fine
dat is echt erg – dat is echt slim
er geen erg in hebben – der gjin erch yn hawwe

'hiel' en 'tige' wurde brûkt as:

1. fersterking fan in eigenskip (hiel moai, hiel âld, tige min, tige wyt)

'in protte' en 'in soad' kinne brûkt wurde as oersetting fan it Nederlânske 'erg' as

1. je yn it Nederlânsk ek 'veel' of 'een boel' sizze kinne.

'slim' wol sizze:

1. aaklik, ferfelend, emosjoneel swier
2. synonym fan 'earnstich' (slim fertutearzje litte)

'erch' wurdt brûkt:

1. yn de útdrukking: (gjin) erch hawwe yn
2. yn de útdrukking: sûnder erch ('ûnbewust')

Slim (NI)

een slimme jongen – in tûke/yntelliginte jonge
dat was niet zo slim – dat wie net sa tûk/hannich

It Fryske wurd 'slim' betsjut 'aaklik', 'ferfelend', 'emosjoneel swier'. Yn de betstjutting 'yntelligint' is 'slim' in ynterferinsje.

Slagen/lukken (NI)

Het lukt haar niet – It slagget har net

Ze slaagt er niet in - It slagget har net

Ze is geslaagd voor haar tentamen – Se is troch har tentamen hinne kaam / se is dertroch

'slagje' wol sizze:

1. wat kinne, ta wat yn steat wêze (Nederlânsk: 'lukken')

'Deryn slagje' is in ynterferinsje. Je kinne yn goed Frysk ek net 'slagje foar' in tentamen, toets of sokssawat. Je komme troch in toets hinne of je komme dertroch.

Set de folgjende sinnen oer yn goed Frysk:

1. Ik vind het altijd heel erg als mensen erg hun best doen en toch niet slagen.
2. Hij had er geen erg in dat ze voor haar examen was geslaagd.
3. De erg dikke man droeg een emmer met dikke stijfjes.
4. Het is niet zo slim om iemand die niet erg van lezen houdt een dik boek te geven.
5. Hij is erin geslaagd een goedkope auto te vinden.
6. Eerst had ik er geen erg in dat het huis erg verwaarloosd was.
7. Tussen de dikke muren heeft hij erg moeten lijden.
8. Het is niet zo slim om erg veel te drinken voor een examen, want dan is de kans erg groot dat je niet slaagt.
9. Hij verdient een dik salaris met de verkoop van dik bleekwater aan warenhuizen.
10. Ze vond het erg fijn dat hij haar een dikke kus gaf.

Fan de ûndersteande fjouwer sinnen is ien flaterfrij. Hokker sin is dat?

1. Hy fûn it net slim dat se sûnder erch troch de grouwe sjerp rûn wie.
2. Hy fûn it net erch dat se sûnder erch troch de tsjokke sjerp rûn wie.
3. Hy fûn it net slim dat se sûnder erch troch de tsjokke sjerp rûn wie.
4. Hy fûn it net slim dat se ûnbewust troch de dikke sjerp rûn wie.

Les 6

6.1. Stavering

Om oan te learen oft der in 'û' of in 'oe' stavere wurde moat is net sa dreech. Yn dit haadstik wurdt allinnich it ienlûd 'oe' behannele. It twalûd 'oe' komt letter op it aljemint. It ienlûd kin koart of lang foarkomme.

De lange en koarte oe-klank wurde meastal as 'û' skreaun (*rûn, bûter, kompjûter*). Se wurde as 'oe' skreaun as it Nederlânsk min-ofte-mear gelyk itselde wurd hat mei 'oe' (*boek, stoepe, stoet*).

Der binne útsûnderingen, bygelyks: *fûterje, droech, boekebeam*.

Foar in 'r' stiet noait in koart of lang ienlûd. It iennichste oe-lûd dat foar in 'r' stean kin, is it twalûd en dat wurdt skreaun as 'oe' (*boer, djoer, bravoer*).

| û | oe |
|--|---|
| - foar in n - wurd hat yn it Nederlânsk in ui - Fryske wurden, dy't yn 't Nederlânsk net deselde foarm hawwe | - foar in r - wurd hat yn 't Nederlânsk in oe/oo - doetiid sterke tiidwurden (útsein foar in n) - as it in twalûd is |

Opdracht a

Folje 'oe' of 'û' yn en lis by alle wurden út wêrom't dat de goede staveringswize is:

1. sl...ch wêze
2. h...ndertt...zen
3. yn 'e h...s komme
4. oertsj...gje
5. útwurkje op ' e kompj....ter
6. juster j...ch er my in presintsje
7. in p...de drop
8. in g...ne wie 10 d...beltsjes
9. gr...psopdrachten
10. in iism...tse

Opdracht b

Ferklearje it ferskil yn û/oe stavering tusken:

1. slûch - sloech
2. broek - brûk
3. dûk - doek

Les 7

7.1. Stavering

u / ú

We brûke de letter 'u' foar trije ferskillende lûden, foar de 'u' fan *put*, mar ek foar de 'ú' fan *druven* en dy fan *ruten*. As we yn in sletten wurd lid de 'ú' fan *drúf* bedoele komt der in skerpteken op te stean. Brûke wy it 'ú' lûd yn in iepen wurd lid, dan ferfalt it skerpteken.
Ien *drúf* twa *dru – ven*

Yn it wurd *drúf* is de 'ú' in lang lûd, mar de 'ú' kin ek as koart lûd foarkomme. Foar de wize fan skriuwen makket dat lykwols neat út.

Ien *nút* twa *nu – ten*

Wy brûke it skerpteken dus allinne mar as dat foar de útspraak needsaaklik is.

Opmerkings:

- oan de ein fan in wurd is it logysk dat jin in 'u' skriuwe, bygelyks: *paraplu*. Mar as it giet om in ynterjeksje, sette wy wer in skerpteken op de 'u'. Foarbylden: *Tjú, hú*.

- in u-klank dy't foar sj/zj/vj komt en de klam hat, wurdt altyd skreaun as in 'u' mei in skerpteken. Foarbylden: *lúsjefers, rúzje, beklúvje*.

- útsûndering: *húchelje*

Foarbylden fan wurden mei it lûd 'u' fan 'put'

| | |
|-------------------------|----------------------|
| Yn in sletten wurd lid: | Ein fan in wurd: |
| wurch | buorlju |
| stumper | mei rju heechachting |

Yn skema:

| | Iepen wurd lid | Sletten wurd lid | Ein fan in wurd | Ein fan ynterjeksje |
|-------|----------------|------------------|-----------------|---------------------|
| u / ú | ruten | rút | menu | hú |

Dan binne der noch wurden dy't betizing jaan kinne en dat binne de wurden op 'um' of 'em'.

De regels binne:

- wurden dy't út frjemde talen komme en dêr op 'um' stavere wurde, moatte yn it Frysk ek op 'um' stavere wurde. Bygelyks: *museum, sintrum*.

- Yn Fryske plaknammen brûke wy 'um'. Bygelyks: *Makkum, Deinum*

- We staverje 'um' yn wurden dy't einigje op '-sum'. (yn it Nederlânsk: -zaam) Bygelyks: *iensum, ferfeelsum*.

- yn alle oare gefallen wurdt dizze klank mei 'em' stavere. Foarbylden: *biezem, azem, stikum*.

Opdracht a

Folje 'u', 'ú', 'um' of 'em' yn:

1. Wy hawwes plarapl..... yn it muse..... fan Star..... stean litten.
2. 'H....' sei Lolke, 'Wat n....ver, ik bin sa h...verich.
3. De boai..... fan de br....ne badkûp waardtfage mei de biez.....
4. 'Wolst apen.....ten ha of hast leaver in str....s dr.....ven?'
5. De jonges rûnen ferfeels..... troch it sintr..... fan Dokk.... oant de rev.... begjinne soe.
6. It wie in yll...zje dat se it frommeske yn ...nifoarm noch sjen soenen.

7.2. Ynterferinsjes

a. In stikje werhelling.

Folje yn: *dêr't of wêr't*

1. Jan freget him ôf ... it plysjeburo stiet.
2. Hinke wol graach witte ... dy tekening mei makke is.
3. Binne dat de hûnen ... prins Charles mei op jacht giet?
4. Soesto my ek sizze ... ik de biblioteek fine kin?
5. Fan alle dingen ... wy oer praat ha, is dat it nijsgjirrichste.
6. ... Parys leit hawwe wy wol op skoalle leard.

Krekt as by oare wurden dy't op *'t* einigje, krije *dêr't* en *wêr't* in útgong as it ûnderwerp fan de sin de twadde persoan iental is.

Foarbylden:

- * Dat binne fragen dêrsto gjin antwurd op witst.
- * Dat binne fragen dêrst gjin antwurd op witst.
- * Ik wol graach witte wêrsto in antwurd op jaan moatst.
- * Ik wol graach witte wêrst in antwurd op jaan moatst.

Folje no yn: *dêrst of wêrst*

1. Hâldsto fan auto's ... hurd yn ride kinst?
2. Witsto noch ... as bern altyd boartest?
3. Hy seit altyd dingen ... om laitsje moatst.
4. ... ek hinne giest, nim altyd in goede kaart mei.
5. Ik wit net ... bist.
6. Yn it doarp ... no bist, is dy bekende dichter berne.

b.

Loft of lucht?

Der binne minsken dy't tinke dat 'lucht' gjin geef Frysk wurd is en dat wy altyd it wurd 'loft' brûke moatte. Dat is sa net, want beide wurden komme foar.

'Loft' is it útspansel mei wolken en sa; 'lucht' is it gas om ús hinne en it Fryske 'lucht' wurdt ek brûkt foar wat yn it Nederlânsk 'reuk' hyt.

De loft is blau.

Der siet te min lucht yn 'e foarste bân fan myn fyts.

Wat hinget hjir in goare lucht!

Licht of ljocht?

'Licht' en 'ljocht' binne beide 'licht' yn it Nederlânsk. 'Licht' brûke wy yn it Frysk foar it tsjinstelde fan 'swier'. 'Ljocht' is it tsjinstelde fan 'tsjuster' of 'donker/dûnker'.

Hy mei al wer wat licht wurk dwaan.

It is moarns om acht oere hast al wer ljocht.

Har bern hawwe allegear ljocht hier. (= blond haar)

Leven of libben?

It Fryske wurd 'leven' betsjut yn it Nederlânsk 'lawaaï'. It Fryske 'libben' betsjut yn it Nederlânsk 'leven', 'levend' of 'levendig'. It Nederlânske tiidwurd 'leven' is 'libje' yn it Frysk.

De bern meitsje in protte leven.

It libben is mar koart, genietsje der fan!

It famke is tige libben, sy kin amper stil sitten bliuwe.

Wy libje yn in ryk lân.

Les 8

8.1 Stavering

Krekt as yn it Nederlânsk, wurdt yn it Frysk in bylûd faak mei in dûbelde letter skreaun om oan te jaan dat it lûd dat derfoar komt, koart is. Foarbylden: *wille*, *bakker*, *beppe*.

In 'o', 'a' en 'e' mei in breedteken (kapke/dakje) jouwe in lang lûd oan. Nei in 'ô', 'â' of 'ê' wurdt it bylûd dus net mei in dûbelde letter skreaun.

Foarbylden:

bôle (en net *bôlle*, want in 'ô' is altyd lang)

rânen (en net *rânnen*, want in 'â' is altyd lang)

bêden (en net *bêdden*, want in 'ê' is altyd lang)

Nei de 'û' wurdt it bylûd ek noait as in dûbelde letter skreaun, hoewol't dy wol in koarte klank oanjaan kin. Foarbyld: *rûke* (en net *rûkke*).

De klanken dy't skreaun wurdt mei 'ô', 'â' en 'ê' kinne by it foarmjen fan meartal, ferlytsingswurd of gearstalling ferkoarte wurde. Sy wurde dan ek sûnder breedteken skreaun. It hoecht dus net en der is gjin regel foar te jaan; as jimme it net witte, moatte jimme it dus ûnthâlde. Soms binne der ek twa mooglikheden. Wy hawwe dat fenomeen yn les 3 en 4 al ris sjoen.

In pear foarbylden:

| | | | |
|---------|--------|-------------------|---------------|
| bôle | bôlen | boltsje/bôltsje | bôlekoer |
| rôt/rot | rotten | rotsje | rottefanger |
| lân | lannen | lantsje | lânbou |
| stâl | stâlen | staltsje/stâltsje | stâlfeint |
| stêd | stêden | stedsje | stedsbestjoer |
| bêd | bêden | bedsje | bêdewaar |

o / ô

Yn les 4 hat de 'o' fan 'bok' en de 'ô' fan 'hok' al ris op it aljemint west. As wy de 'o' fan 'bok' langer meitsje krije wy it lûd 'oo', sa't dat te hearren is yn 'hoopje'. Mar as de 'o' fan 'hok' langer wurdt krije, wy itselde lûd as de 'ô' fan 'bôle'. Besykje it mar ris.

In pear foarbylden fan dit 'ô'-lûd:

nôt rôlje drôf wy skô-pen it krô-ket

It makket dus net út oft de 'ô' yn in sletten of in iepen wurdlied stiet; we staverje op deselde wize.

a / â

De 'a' kin ek op ferskillende manieren útsprutsen wurde. Foar de 's', 'l', 'd', 't' en 'n' wurdt de 'a' útsprutsen as de 'o' fan 'hok'. As de 'a' fan 'gat' langer útsprutsen wurdt krije wy in lûd dat skreaun wurdt as in 'â'.

In pear foarbylden fan dit 'â'-lûd:

sân lân wrâld râ-ne mâ-le

It makket net út oft de 'â' yn in sletten of iepen wurdlied stiet.

e / ê

As wy de 'e' fan 'pet' langer meitsje, krije wy de 'ê' fan 'bêd'. Der binne lykwols trije útsûnderingen:

bern gers it hat ferzen

By dizze trije wurden brûke wy yn de útspraak it 'ê'-lûd, mar staverje wy in 'e' sûnder kapke. In pear foarbylden fan wurden mei in 'ê':

dêr wêr wêrom literêr mayonêze

ô / â

Miskien is 't jimme al opfallen, mar de útspraak fan 'â' en de 'ô' is gelyk. Hear mar ris ast de wurden 'sân' en 'grôt' seist. Wannear moatte je no wat skriuwe? It is spitich, mar soks moatte je gewoan mar leare en ûnthâlde.

Opdracht a

Folje yn: o, ô, a, â, e of ê

1. M...m koe net kr...kt sj....n oft Folkert no s....lt of s....n yn 'e keamer struid hie.
2. De b...rn moatte leare om mei de mûle ticht te k...gjen
3. It g....rs wie fan 'e moarn noch bef....rzen, mar de redens kinne noch n...t út it f...t.
4. De dr....ve man mei de st....k yn 'e h...n, hat syn w...nten weit...ge.
5. 'W....r binne myn s....kken?', r...p de J...n al w...r foar de tredde kear.
6. 'No, d....r!' sei m...m, 'It sykjen giet dy net b....stf wol?'

Folje yn: â of ô

1. It ...lde mantsje seach de r...t efter de sek s....n sitten.
2. 'Gr...t is gjin iten en k...ld al hielendal net!', sei heit.
3. 'Us mem wurdt sa súntsjeswei in d....f,ld wyfke', sei H....ns.
4. Us heit k....ke de hin dy't Jan pl....ke hie en de bern k...gen op it s...lte fleis om.
5. De f...le rint al yn it l...n en hoecht net mear op st...l.
6. De m...le keardel w...de tsjin de r...ne fan it stoepke oan.

8.2. Ynterferinsjes

Yn de sinnen hjirûnder steane wurden dy't út it Hollânsk wei yn it Frysk glûpt binne. Ferfang se troch de geve Fryske wurden dy't derboppe steane. Moatst alle wurden út it listje brûke.

| | |
|----------------------------------|-------------|
| wurdboek | stik greide |
| harren | pisje |
| skiep | kaai |
| bonkerak | kij |
| hohâlde | omkesizzer |
| froulju | gearkomste |
| lulk | brûke |
| eamelders/mychhimmels/mychammels | weitôgje |
| glimkje | brêgeman |
| beppesizzers | tryst |

1. It famke wist net mear wêr't se har sleutel brocht hie.
2. Yn dat weilân stienen mear as tritich skieppen.
3. Wolst my efkes nei dy fergadering ta bringe?
4. Alde Tryntsje wie hiel ferdrietich doe't har lytsbern ferhuzen.
5. Myn broer hat in famke krigen, dat ik ha der wer in nichtsje by.
6. Wolle jim ek wat fergif om fan dy mieren ôf te kommen?
7. Ik kin der net goed by dat dy bern hieltyd har wurdeboek ferlieze.
8. Der wienen twa frouwen by dy't hun bruidegom net sels útkeazen hienen
9. Wolst efkes stopje? Ik moat plasse.
10. Nei al dy jierren wit er noch net hoe't er de mûs gebrûke moat.
11. Hee ju, moatst net sa boas nei my sjen!
12. Foar yn it klaslokaal glimplaitsje in geraamte en twa opsette kowen ús oan.

Ferbetterje de sintsjes:

1. Wy wenje yn Joure, mar ús skoalle stiet yn Hearrenfean.
2. Wy binne juster tot les 7 kommen.
3. Jimme meie net ite tidens de les.
4. Hy hat sinds juster in nije auto.
5. Wy geane jûn betiid nei bêd.
6. De resepsje begjint omstreeks fjouwer oere.
7. No, dêr ha wy sin yn!
8. Folgens my hast it mis!
9. Fanôf ús hûs kinst it moai sjen.
10. Hoe let komsto moarns út bêd?
11. Dêr hast gelyk yn!
12. Moatsto ek mei koeken lâns de doarren?
13. Ik sykje nei myn skrift.
14. Der is altyd wol wat rûn syn persoan.

Les 9

9.1 Stavering

De tusken-n.

Regel: It Frysk hat gjin tusken-n.

Elkenien ken fansels de swierrichheden mei de saneamde tusken-n yn it Nederlânsk, lykas: *paardenstal* foar *paardebloem* oer, *ruggespraak* en *ruggengraat*, ensafuorthinne. Dat is in drege regel, dy't gearhinget mei de meartallen op '-n'.

Yn it Frysk hawwe wy dy swierrichheid net. Wy kinne dêr hiel koart oer wêze: yn soksoarte gearstallingen krije wy yn it Frysk altiten en allinnich mar in '-e' en dus noait '-en'.

Opdracht a

Meitsje gearstallingen fan de folgjende wurden:

| | | | |
|---------------|-------|--------------------|-------|
| boek + kast | | krante + besoarger | |
| brief + bus | | sike + hûs | |
| pinne + bakje | | bern + spultsje | |
| tosk + dokter | | hûn + hok | |
| bist + boel | | keal + poat | |

In pear wat dregere gefallen:

1. Wat wurdt: hynder + stâl?
2. Wat wurdt: boart(sje) + guod?
3. Wat wurdt: ite + tiid?
4. Wat wurdt: doarp + strjitte?
5. Wat wurdt: beam + wâl?
6. Wat wurdt: skoalle + plein?
7. Wêrom stiet der yn *linnenguod* wol in n?

De oergongs-w

Dizze saneamde oergangs-w kin foarkoamme tusken twa lûden. Foarbylden:

| | |
|-------|----------|
| blau | blauwe |
| gebou | gebouwen |
| ieu | ieuwen |
| do | dowen |

It komt der dus op del dat der gjin 'w' oan de ein fan in wurd stavere wurdt. By it twalûd 'iuw' heart de 'w' by de klank en dat sjogge wy dan ek yn de stavering werom. Foarbylden:

| | |
|----------|-----------|
| liuw | liuwen |
| ik bliuw | wy bliuwe |
| ik wriuw | wy wriuwe |

| net in w | al in w |
|--|---|
| ein wurd ein wurdlid foar in bylûd | begjin wurd yn 'e kombinaasje -iuw tusken twa lûden |

Opdracht b

Folje yn it folgjende stikje **w/ww** of **neat** yn:



De liu... en de do...

Yn bistetún 'Goedlibben' ha.....e in protte bisten har ferbliu...: kamielen, apen, pau...en, oaljefanten, tigers en liu...en. Ien liu... hjit fan Liu...e. Hy rint faak troch syn koai en wriu...t dan mei syn kop tsjin de traaljes. Dan giet er lizzen en lit de kop op in grou...e stien sakje. Hy sjocht de ...olken oan de blau...e loft foarby driu...en. ...ite miu...en sweevje oer de huzen. Ikoe, tinkt Liu...e.

Boppe de stêd fleane fjou....er do.....en. Ien fan dy downen hjit fan Bo....e. Hy fljocht al oeren boppe bosken, greiden en gebou....en.urch lit er him op deyn driu...e. Soed er it do...ehok ...ol helje? Dan sjocht er de liu...en yn de koai. Liu...e leit mei syn kop op in stien te sliepen. Ikoe, tinkt Bo...e.

Ut: Skriuwtaal

9.2. Ynterferinsjes

It Frysk en it Nederlânsk ha soms in ferskillende wurdfolchoarder. Guon Friezen nimme de Nederlânske folchoarder yn it Frysk oer. Foar in protte oare Friezen heart dat hiel nuver. Sjoch mar ris nei de ûndersteande foarbylden.

-Kom eens hier!

-Kom hjir ris! (en net: Kom ris hjir!)

-Als je Groningen dan zo mooi vindt, dan blijf je maar mooi daar!

-Ast Grins sa moai fynst, dan bliuwst dêr mar moai! (En net: ... mar moai dêr!)

-Mijn tas ligt nog daar!

-Myn tas leit dêr noch! (En net: ... noch dêr!)

-Als je die bloemen niet mooi vindt, dan koop je toch deze.

-Ast dy blommen net moai fynst, dan keapest dizze dochs. (En net: ... dochs dizze.)

Yn it Nederlânsk kinne wurd-sjes lykas *hier, daar, dit, dat, deze* en *die* hiel goed achter in bywurdlike bepaling (*eens, maar mooi, nog, toch*) stean. Yn it Frysk kinne *hjr, dêr, dit, dat, dizze* en *dy* dat meastal net.

Set no sels ris yn it Frysk oer:

1. Blijf maar even hier.
2. De ene keer wil ze dit en de andere keer wil ze weer dat.
3. Als die appels op zijn, geef me dan maar deze.
4. Kom eens gauw hier!
5. Als je zometeen daar bent, bel je me dan?
6. Kom eens hierheen.
7. Als je op reis gaat, neem je toch dit altijd mee?
8. Woont zijn vader dan daar?
9. Ik ga wel daar staan.
10. Is Peter al hier?
11. Eerst zat ze daar, toen daar en nu zit ze weer hier.
12. Wil je dat ik een keer daar kom?

Folchoarder by tiidwurden

Tiidwurdfolchoarder 1

Yn it Nederlânsk steane de tiidwurden faak yn in oare folchoarder as yn it Frysk. In pear foarbylden:

(1)

Ned.: Ik kan dat lekkere bier niet laten staan

Frysk: Ik kin dat lekkere bier net stean litte

(2)

Ned.: Zou je me willen helpen?

Frysk: Soest my helpe wolle?

Soms hat it Nederlânsk twa mooglikheden en it Frysk mar ien:

(3)

Ned.: Waar denk je dat ik over heb gezongen / gezongen heb?

Frysk: Wêr tinkst dat ik oer songen ha?

(4)

Ned.: Weet jij wanneer we worden opgehaald / opgehaald worden?

Frysk: Witsto wannear't wy ophelle wurde?

Hoe kinst no witte wat yn it Frysk de goede folchoarder is? No, as der yn it Nederlânsk mar ien folchoarder mooglik is, dan is de folchoarder yn it Frysk oarsom. Dat is it gefal by de sinnen (1) en (2) hjirboppe.

Fierder kinst ûnthâlde dat yn it Frysk it belangrykste tiidwurd foar it helptiidwurd komt. Wat it belangrykste tiidwurd is, kinst gewaarwurde ast mei beide tiidwurden in fraachsintsje makkest. Sa kinst by (1) freegje: **Wat is goed: 'lit ik it stean' of 'stean ik it litte'?** It antwurd is fansels **lit ik it stean**. Dat betsjut dat **stean** belangriker is as litte en dus foar **litte** moat. Dêrom is de Fryske sin by (1) **Ik kin dat lekkere bier net stean litte**.

Opdracht a: berednearje op deselde manier wêrom't de Fryske sinnen by (2), (3) en (4) goed binne.

Opdracht b: set de ûndersteande sinnen oer yn goed Frysk.

1. Ze wilde hem niet laten gaan.
2. Ik denk dat ze het wel kan doen.
3. Waarom zou dat moeten?
4. Is dat een vrucht die veel wordt gegeten?
5. Ik begrijp niet dat je nog niet bent begonnen.
6. Het is leuk dat je al met haar gesproken hebt.
7. Zou je me even willen helpen?
8. Wilt u die pizza om zes uur laten bezorgen?
9. Dat zijn de onderwerpen waar we over hebben gediscussieerd.
10. U mag wel gaan zitten.

Les 10

Werhellingsles

10.1. Stavering

Opdracht:

By it ûnderdiel stavering en taalregels hawwe wy de ûndersteande saken oan de oarder hân:

1. stavering fan s/z
2. stavering fan f/v
3. wannear in g of ch
4. a/aa; e/ee; o/oo
5. y / ii / i /ie
6. wannear in û of oe
7. stavering fan u of ú
8. o / ô; a / â; e / ê
9. tusken-n
10. oergongs-w

Allinne of yn twatallen kieze jimme ien fan de boppesteande ûnderwerpen út. Mei dat ûnderwerp betinke jimme sels in opdrachtsje foar pabo-studinten (bygelyks in ynfoloefening fan in tsiental wurdsjes) en de útwurking. De opdracht moat yn 5 minuten te meitsjen wêze. Meitsje foar alle studinten en de dosint in útdraai en diel dy út yn les 10. As der tiid foar is, kinne wy jimme leskes besprekke.

Lit jim fantasij wurkje! It is net de bedoeling dat jim (dielen fan) lessen út dizze syllabus oernimme.

10.2 Ynterferinsjes

Set oer yn goed Frysk:

1. Ze vond het eerst erg moeilijk om met peuters en kleuters om te gaan.
2. Mijn vader spreekt weinig over de oorlog.
3. Ik zal je laten zien waarom ik dat hoofdstuk zo slecht vind.
4. Ze bleef maar over school praten.
5. De peuterleidsters vroegen aan de meester wat hij van het kringgesprek vond.
6. Ik probeer een foto te maken van de boerderij waar ik ben geboren.
7. Ik hoop dat het kaboutertje niet over de fopspeen zal struikelen.
8. Is dat het dikke boek waar je uit hebt voorgelezen?
9. Volgende week gaan we tijdens de les een proeftentamen doen.
10. Die jongen is zo slim dat hij voor elk tentamen slaagt.
11. Alle vrouwen namen hun woordenboek mee naar de cursus.
12. Welke kist heeft Peter voor zichzelf getimmerd?

Bestudearje de stikjes oer ynterferinsjes út de foargeande haadstikken nochris goed en skriuw tsien wurden of konstruksjes op dêrsto muoite mei hast. Meitsje mei elk fan dy wurden en konstruksjes in sin.

Les 11

11.1. Stavering

Yn dizze les wolle wy de saneamde delgeande twalûden behannelje. Dat binne twalûden dy't einigje op in stomme 'e' en dat is in lûd sûnder klam. We hawwe it dan oer de ûndersteande lûden:

| | | |
|----|-------|----------|
| ea | hear | hea-ren |
| oa | roas | roa-zen |
| ue | flues | flue-zen |
| ie | hier | hie-ren |
| oe | boer | boe-ren |
| eo | freon | freo-nen |
| eu | kleur | kleu-ren |

De stavering is yn sletten en iepen wurdliiden gelyk, as de klam derop lizzen bliuwt. Yn it Nederlânsk komme ek wol twalûden foar. De ee, oo en de uu wurde foar in 'r' yn in wurd mei klam, as in twalûd útsprutsen. Yn it Frysk dogge wy dat wol, om't we dy lûden op oare plakken ek brûke.

De twalûden 'ea', 'oa' en 'ue' kinne de status fan twalûd ferlieze as de klam ferskoot nei in oar wurdliid. In pear foarbylden:

| | |
|------------|-------------|
| Amearika | Amerikaansk |
| symboalysk | symbolyk |
| kultuer | kultureel |

De 'ie' sil net folle swierrichheden jaan. Wy binne yn les 4 ek al mei dit lûd yn 'e kunde kommen. Yn in wurdliid mei klam foar in 'r' kin gjin lange of koarte i-klank stean, dus is in i-klank foar in 'r' altyd it twalûd 'ie'. As der gjin klam op leit, wurdt it in ienlûd. Foarbylden:

| | |
|------|-------------|
| bier | admiraal |
| fier | ynspiraasje |

Yn les 6 hawwe de û-klanken al besprutsen. In 'û' is altyd in ienlûd en kin lang of koart útsprutsen wurde. Dat jildt net foar de letters 'oe', want dat kin in lang of koart ienlûd wêze, mar ek in twalûd. Foar in 'r' jildt hjir ek wer dat der allinne mar in twalûd wêze kin en dus as 'oe' stavere wurde moat. In pear foarbylden:

| | | | |
|------|--------|------|---------|
| goed | goe-de | boer | boe-ren |
| koel | koe-le | soer | soe-re |

De 'eu' is allinne foar de 'r' in twalûd, oars is it in lang ienlûd. Foarbylden:

| | |
|-------|--------|
| kleur | spreuk |
| geur | reus |

De 'eo' en de 'eu' kinne op deselde wize útsprutsen wurde. Wy moatte dan fansels wol witte wat wy skriuwe moatte.

Regel: foar in 'r' staverje wy in 'eu' en foar in 'n' skriuwe wy in 'eo'. Foarbylden:

| | |
|-----------|-------|
| redakteur | freon |
| sjauffeur | gleon |
| fleur | sneon |

De letterkombinaasje 'eo' komt ek noch foar yn oare wurden, mar dan is de útspraak oars. Foarbylden:

| | |
|-----------|----------|
| akkordeon | kameleon |
|-----------|----------|

Opdracht a

Wat is it ferskil yn betsjutting tusken:

1. wiet - wyt - wiid
2. beamte - beäimte
3. bliede - blide

Opdracht b

Folje yn: ea, oa, ue, ie, e, o, oe, u, eu of eo

1. De beide fr.....nen Klaas en Piter fytsten op in sn.....n de nat....r yn.
2. De hjerstkl.....ren kamen al s.....rieus foar it ljocht.
3. Se w.....nen m.....r avent.....ren belibje.
4. Se boarten dat se seb.....re yn in Sib.....rje w.....nen.
5. As se in kat s.....gen wie dat in lynks en in hûn wie gew.....n in b.....r.
6. De fig.....ren dy't foarby kamen, s.....nen wol Am.....rikanen wêze kinne.
7. Dêr kaam de s.....n fan de n.....taris f....rby, Elco.
8. Hy w..... telef.....nearje, mar krige it net f....r elk....r.
9. Klaas en Piter fûnen it mar in frjemd fig.....r.
10. Elco docht kult.....rele dingen, sei de l.....rares.

11.2 Ynterferinsjes

Smelten (NI)

It Nederlânske 'smelten' kin oersetten wurde yn 'rane', 'teie' of 'smelte'. Bûter bygelyks raant yn in hite panne en as wy de panne wer ôfkuolje litte stjurret (fan it tiidwurd: stjurje) of bestjurret (fan: bestjurje) de boel wer.

Snie en iis teie as de temperatuer boppe it nulpunt komt.

Izer en oare metalen smelte by hege temperatueren.

Oefening:

1. Ripe prommen jin op 'e tonge.
2. As de âlde froulju op it iis komme, wol it
3. Fan't simmer wie it hjir boppe de fiifentritich graden. Koest hjir wol
4. It jild jin ta de bûse út.
5. Dieven de brúnzen keunstwurken om.

Stoppen en ophouden (NI)

It Nederlânske 'stoppen' kin net samar oersetten wurde yn it Fryske 'stopje'. Wy kinne sokken en hoazen stopje, mar dat wurdt net folle mear dien. Wy kinne ek in piip stopje en it iten wol ek wolris stopje (iten dêr't jin net bêst fan nei 't húske kinne of iten dat tige sêdet). Yn de oare gefallen moatte wy wat oars brûke.

Foarbylden:

De studint hâldt bygelyks op mei de oplieding.

As de plysje dy oanhâldt, moattst stean bliuwe.

De trein hâldt stil yn Grou en It Hearrenfean.

Triuw dy appel mar by my yn de bûse.

Ho ris eefkes!

Opstaan (NI)

It Nederlânske 'opstaan' kin net altyd oersetten wurde mei 'opstean'. Wy brûke 'opstean' as wy yn opstân komme tsjin it gesach bygelyks. Yn de bibel lêze wy dat guon opsteane út de dea. Fierder kinne minsken rjocht byelkoar opstean, wat betsjut dat se ticht by elkoar stean.

Oefening:

Fol op de stipkes ien fan de ûndersteande wurden of wurdkloften yn:

Opstean, oerein gean, stean gean, fan 't bêd komme / der ôf komme

1. Ast simmers de sinne opkommen sjen wolst, moastst moarns betiid
2. De studinten..... en hantsjeklaptten om de gastdosint te betankjen.
3. 'It is al njoggen oere, do moastst!' rôp mem.
4. De minsken doe't de keninginne de seal ynrinnen kaam.
5. Dat gleone frommes sjochst altyd by de manlju

Tiidwurdfolchoarder

Tiidwurdfolchoarder 2

De trúkjes dyst yn les 9 leard hast om de folchoarder fan twa tiidwurden te bepalen wurkje ek mei trije tiidwurden. Sjoch mar ris nei de sinnen hjirûnder:

(1)

Ned.: Zou je haar het ontwerp even willen laten zien?

Frysk: Soest har it ûntwerp efkes sjen litte wolle?

(2)

Ned.: De meester zei dat we moesten gaan zitten.

Frysk: De master sei dat wy sitten gean moasten.

Der is by de Nederlânske sinnen mar ien mooglike folchoarder. De Fryske folchoarder is dan eksakt omkeard. Soms lit it Nederlânsk mear as ien folchoarder ta. Sjoch mar:

(3)

Ned.: Daar liggen proefwerken die bekeken moeten worden / moeten worden bekeken.

Frysk: Dêr lizze de proefwurken dy't besjoen wurde moatte.

No kinst wer sjen wat it belangrykste tiidwurd is troch de twa tiidwurden te pakken dêr'tst it moaiste sintsje mei meitsje kinst, hjir dus **besjoen** en **wurde**. Kinst dan wer freegje: '**wurde se besjoen**' of '**besjogge se wurde**'? It earste is fansels it gefal, dus **besjoen** is belangriker as **wurde** en stiet dêrfoar. Dan pakst it restearjende tiidwurd en dat setst derachter: **besjoen wurde moatte**.

Set no oer yn goed Frysk:

1. Waar zou jij over willen praten?
2. Daar liggen de boeken die gelezen moeten worden.
3. Daar staan de vrouwen die uitgenodigd willen worden.
4. Zou je mij je nieuwe auto willen laten zien?
5. Weet jij wat er allemaal met een kurk kan worden gedaan?
6. De baas zei dat we moesten gaan staan.
7. Denk je dat hij mij in zijn auto wil laten rijden?
8. Zouden we dat nog kunnen laten repareren?
9. Denk je dat daarover gesproken zal worden?
10. Is dat grond waar ik een huis op kan laten bouwen?

Les 12

12.1 Stavering

In bij fleach nei de beistrûken by de baai.

| stavering | útspraak op 'e Klaai | útspraak yn 'e Wâlden |
|-----------|-----------------------|-----------------------|
| Nij | Nij | nij |
| Naai | naai (mear in oi-lûd) | naai (mear in ai-lûd) |
| Nei | naai (mear in oi-lûd) | nij |

ai of ei?

De tiidwurden *'laitsje'* en *'meitsje'* wurde op 'e Klaai beide útsprutsen mei in *'ai'*, mar yn 'e Wâlden brûke se mear in *'ei'*-klank yn beide wurden. Hoe kinne wy witte wat wy skriuwe moatte? Der binne net safolle wurden dy't mei in *'ai'* skreaun wurde en dy moatte wy dan mar goed ûnthâlde. De wurden dy't wy hjoed de dei noch brûke binne:

| | |
|---------|--------|
| laitsje | lachen |
| maits | made |
| mais | maïs |

Fierder komt de *'ai'* noch foar by ferkoarting fan wurden: *maitiid, aike, kaike ensfh.*

ei, ij of y?

De persoanlike foarnamwurden en it ferhâldingswurdsje *'by'* wurde mei in *'y'* stavere, hoewol 't de útspraak yn it Klaaifrysk *'ij'* is. Dus:

| | | | | | |
|----|----|----|----|----|----|
| hy | sy | wy | my | dy | by |
|----|----|----|----|----|----|

In protte minsken dy't de stavering fan de Fryske stavering net goed yn 'e macht hawwe, tinke dat in *'ij'* nea skreaun wurdt, mar dat is sa net.

As in Klaaifryskprater in wurd mei in *'ij'* útsprekt, skriuwe wy in *'ij'*. Brûkt dizze selde persoan de *'ai'*-klank, dan skriuwe wy in *'ei'*. Foar minsken dy't gjin Klaaifrysk prate, wurdt it in stik dreger en sil de stavering oanleard wurde moatte. Foarbylden:

| | |
|-------|------|
| dweil | nij |
| wein | kij |
| neil | frij |

Opdracht

- Wat is it ferskil tusken *klei* en *klaai*?
- Wat betsjutte de wurden *kleie* en *klaaie*?

Folje yn: *ai, ei, ij* of *y*:

- Der sit in b... b... d.... yn 'e sûpengroattenbr....
- Soe d.... dat noch wol sm.....tsje?
- Op sa'n moaie d.... wol ik gjin spul m.... d.... ha.
- It l....tse berntsje seach n.....sgjirich n..... de ealjeb.....
- Yn de l.....te fan it hûs l..... er plat op 'e búk n..... it s.....lskip te sjen.
- 'D... pleager... fan d.... wol ik net l.....e', s.... h....t.
- Ik bin ben.....d oft it moand..... ek sn....e sil.
- Moatst net te r.... wêze m..... dyn jild.

9. H... kr....t in pear n....e br....dene sokken fan beppe.
 10. B..... d..... w..... is it rûchw..... noch hûndert meter n..... de bakker.....

12.2 Ynterferinsjes

Yn it Frysk wurde wurden en útdrukkings net altyd op deselde manier brûkt as yn it Nederlânsk. Soms helje Friezen de taalgewoanten fan beide talen trochinoar. In pear foarbylden:

Kom der mar yn! - Kom maar binnen!
 Adema - de heer Adema
 Adema en de frou - de heer en mevrouw Adema
 de frou en ik - mijn vrouw en ik
 in âldman/âldminske - een oudere/senior
 jo mar earst! - Gaat u voor!
 Lekker sliepe! - Welterusten!
 Dat liket mar raar. - Dat belooft weinig goeds.
 Ik bin wiis mei har. - Ik hou van haar.
 It iis moat noch út de bôle. - Het brood moet nog ontdoeien.
 Hoe wie it der no mei? - Hoe gaat het er nou mee?
 It koe wol minder. - Het gaat fantastisch!
 Ik haw it wolris minder hân. - Het is verrukkelijk!
 Ik ha wol better west. - Het gaat echt beroerd met me.
 Wy moatte net te bot eamelje - We moeten een positieve insteek kiezen.

De lêste fjouwer foarbylden jouwe in foarbyld fan de Fryske foarkar foar 'understatements', útspraken dy't frij swak lykje, mar dêr't de sprekker en de harker beide fan begripe dat se wol frij sterk bedoeld binne.

Opdracht a:

Betink sels ek ris wat gefaltsjes fan ferskillend wurdgebrûk yn Frysk en Nederlânsk.

Opdracht b:

Hoe soest yn it Frysk sizze:

1. De heer en mevrouw Willemsen kozen voor een positieve insteek.
2. Ik hou echt fantastisch veel van haar.
3. 'Schat, het eten was verrukkelijk,' zei ik tegen mijn vrouw.
4. 'Gaat u voor, meneer,' zei ik tegen de bejaarde.
5. Dit is de conversatiezaal voor de senioren.
6. Shit, wat gaat het beroerd met mij, zeg!
7. Ze waren erg enthousiast over de positieve insteek van de chef.

Tiidwurden

It tiidwurd 'gaan' kin yn it Nederlânsk as selsstannich tiidwurd ('werkwoord') foarkomme. It gebrûk fan it Fryske 'gean' is yn dat gefal gelyk:

- Ik ga morgen naar Groningen.
- Ik gean moarn nei Grins.

It tiidwurd 'gean' kin yn it Nederlânsk ek as helptiidwurd brûkt wurde by in oar tiidwurd. It drukt dat út dat de hanneling fan dat oare tiidwurd yn de takomst plend is. In pear foarbylden:

- Ik ga morgen dansen.
- Gaan we zometeen huiswerk maken?
- Waarom gaan jullie nu opeens dwarsliggen?
- Wat ga je doen?

Wat yn it Nederlânsk mei hast alle tiidwurden kin, kin yn it Frysk allinne mar mei de fjouwer tiidwurden:

- sitte (Gean dêr mar sitten)
- stean (Se gong stean.)
- lizze (De hûn gong op 'e matte lizzen.)
- hingje (Wêrom geane dy apen foar it rût hingjen?)

Ast de Nederlânske sinnen hjirboppe oersetse wolst, moatst dus wat oars betinke. Soms kinst 'te' ynfoegje om in goede sin te krijen:

- Ik ga morgen dansen.
- Ik gean moarn te dûnsjen. (net goed is: Ik gean dûnsjen)

Soms kinst it tiidwurd 'sille' brûke:

- Gaan we zometeen huiswerk maken?
- Sille wy aanst húswurk meitsje? (net goed is: Geane wy húswurk meitsjen?)

Soms kinst it hielendal sûnder helptiidwurd ôf:

- Waarom gaan jullie nu opeens dwarsliggen?
- Wêrom lizze jim no ynienen dwers?

En soms moatst dyn fantasy efkes brûke en in hiel oare sin mei min ofte mear deselde betsjutting betinke:

- Wat ga je doen?
- Wat bist fan doel?

Set no oer yn it Frysk:

1. Ga hier maar liggen.
2. Wil je niet gaan zitten?
3. Ik vraag me af wat hij gaat doen.
4. Zouden ze gaan scheiden?
5. Ga je mee vissen?

Les 13

13.1 Staving

au of ou?

Krekt as yn it Nederlânsk binne der gjin regels te jaan foar it brûken fan 'au' of 'ou'. It Frysk giet yn 'e staving fan 'au' of 'ou' faak lyk op mei it Nederlânsk. Sjoch mar:

| Nederlânsk: | Frysk: |
|-------------|--------|
| blauw | blau |
| hout | hout |
| gauw | gau |
| vrouw | frou |

Opdrachten

- Wat is it ferskil tusken in *grouwe kat* en in *grauwe kat*?
 - Wat betsjutte de wurden *neibauwe* en *neibouwe*?
 - Set it Nederlânske wurd oer yn in Frysk wurd mei in 'au' of in 'ou'.
- Pake yt alle wiken wol in kear (grauwe erwten)
 -(rauwkost) is sîn iten.
 - Ik(geef) nije wike in feest.
 - Wy hawwe in keammerke op 'e(zolder) makke.
 - Meitsje dat(touw)(snel) fêst.
 - It(blauwe) fûgeltsje sit yn in(kooitje)
 - Hy is der net(rouwig) om.
 - Wês mar net(bang), dy kat(krabt) net.
 - De(zinsbouw) liket wol wat op it Dútsk.
 - Mei inen in.....(snauw en een grau) sette de man ôf.

13.2 Ynterferinsjes

Ynterferinsjes mei it gebrûk fan lidwurden.

Set oer yn it Frysk, brûk byneed in wurdboek:

- Er is niets meer te eten in huis.
- Heb je de deur op slot gedaan voor je naar bed ging?
- Stond de deur vanmorgen nog op een kier?
- Waar was je vader vanmiddag naar op zoek?
- Zijn die kousen naar je zin?
- Woon jij in Gorredijk of in Lemmer?
- O nee, je woonde toch in Joure!
- De dikke man was precies op tijd voor de vergadering.
- Die jongen was erg van streek toen hij hoorde dat zijn fiets gestolen was.
- Op zolder bewaren mijn ouders hun dikke winterkleden.

Tiidwurden

It tiidwurd 'komen'/'komme' kin yn it Nederlânsk en yn it Frysk as selsstannich tiidwurd ('werkwoord') foarkomme. It gebrûk is yn dat gefal yn beide talen gelyk:

- Ik kom morgen even langs.
- Ik kom moarn efkes del.

It kin ek yn kombinaasje mei in oar tiidwurd brûkt wurde. Is dan net mear in selsstannich tiidwurd, mar in helptiidwurd ('hulpwerkwoord'). Yn dat gefal is der in ferskil tusken it Nederlânsk en it Frysk. Sa kin men yn it Nederlânsk mei in twadde tiidwurd útdrukke wat it doel is fan it kommen:

- Ze kwam een pakketje afleveren. ('Ze kwam met het doel om een pakketje af te leveren.')
- Kom je bij ons eten? ('Kom je bij ons met het doel om te eten?')
- Wat kom je doen? ('Met het doel om wat te doen kom je?')
- Ik hoop dat hij niet weer komt zeuren. ('Ik hoop dat hij niet weer komt met het doel om te zeuren.')

Yn it Frysk kin dat fanâlds net. Yn dy taal moastst altyd 'te' of 'om te' of 'mei it doel om te' tafoegje, of in oare konstruksje kieze. Dus goede Fryske oersetting fan de boppesteande sinnen binne:

- Se kaam om in pakje ôf te leverjen. (en net: Se kaam in pakje ôfleverjen.)
- Komst by ús te iten? (en net: Komst by ús iten?)
- Wat dochst hjir? (en net: Wat komst hjir dwaan?)
- Ik hoopje dat er net wer begjint te eameljen. (en net: ... eameljen komt)

Wat yn it Frysk wol kin, is dat mei in twadde tiidwurd de manier fan kommen útdrukt wurdt. Yn sokke gefallen moastst of kinst hast altyd 'oan' foar dat twadde tiidwurd sette. Dus goed Frysk is:

- Hy kaam hurd oanrinnen. (it rinnen is hjir de manier fan kommen)
- De fûgel kaam troch it rût (oan)fleanen. (it fleanen is hjir de manier fan kommen)
- Doe't ik de doar út gong, kaam heit krekt oanriden. (it riden is hjir de manier fan kommen)

Set no oer yn it Frysk:

1. Kom je mee dansen, Jelske?
2. Ja, ik kom!
3. Wat komt die man hier eigenlijk doen?
4. Er kwamen twee vliegtuigen langs vliegen.
5. Kom je een keer bij me spelen?
6. Wanneer komen ze die kraan nu eens repareren?
7. Ik hoop dat ze morgen komen!
8. Steeds als ze aan komen lopen, denk ik: die komen weer bij mij uithuilen.
9. Gisteren kwam er een pakketje met de post.
10. Ze kwam een brief brengen.

Les 14

14.1 Staving

ui of eu?

Beide twalûden komme ek yn it Nederlânsk foar en wurde yn dy taal krektlyk skreaun. De 'ui' komt yn it Frysk net sa hiel folle foar. In pear foarbylden:

| | |
|-------------|--------------|
| trui | fruit |
| kuierje | bui |
| tuike tuike | struibriefke |

De 'eu' wurdt brûkt foar ferskillende klanken. Ferlykje de útspraak mar ris fan: *Kleur, deun* en *geunst*.

Yn *kleur* is de 'eu' in twalûd, yn *deun* in ienlûd en by *geunst* wurdt de 'eu' troch de noas, nasalearre, útsprutsen.

De 'eu' en de 'eo' kinne deselde útspraak hawwe. Ferlykje de útspraak fan de wurden: *Freon* en *kleur*. As dy klank foar in 'n' stiet skriuwe we in 'eo', mar stiet it foar in 'r' dan skriuwe wy 'eu'. Foarbylden:

| | |
|-------|-----------|
| freon | kleur |
| sneon | fleur |
| gleon | sjauffeur |

De staveringswize 'eo' komt ek noch foar yn wurden dy't wy as 'e' en 'o' útsprekke. Foarbylden:

akkordeon
geolooch
kameleon

Opdracht

Folje yn: 'ui', 'eu' of 'eo':

1. De seri.....ze ûndernimmer liet str.....briefkes rûnbringe.
2. De fr.....n fan Lutske frege ús mem sn..... n om in g.....nst.
3. It fr.....t kriget fan 't jier al gau in reade kl.....r.
4. De sjauff.....r fan de redakt.....r ried nei Gr.....nterp ta.
5. De r.....s út it mearke brûkte hieltyd deselde spr.....k.
6. De dierb.....l smiet gl.....n wetter oer it earme bist.

14.2 Ynteferinsjes

Tiidwurden

It tiidwurd 'blijven' kin yn it Nederlânsk as selsstannich tiidwurd ('werkwoord') foarkomme. It gebrûk fan it Fryske 'bliuwe' is yn dat gefal gelyk:

- Hij bleef op zijn plaats.
- Hy bleau op syn plak.

It tiidwurd 'blijven' kin yn it Nederlânsk ek as helptiidwurd brûkt wurde by in oar tiidwurd. It drukt dat út dat de hanneling fan dat oare tiidwurd yn de takomst plend is. In pear foarbylden:

- Hij bleef maar zeuren.
- De vliegtuigen bleven maar komen.
- Hij blijft zich vervelen.
- Hij blijft op de muur beuken.

Wat yn it Nederlânsk mei hast alle tiidwurden kin, kin yn it Frysk allinne mar mei de ûndersteande tiidwurden:

- sitte (Bliuw dêr mar sitten.)
- stean (Ik hoopje dat dat boek stean bliuwt.)
- lizze (Se woe noch efkes lizzen bliuwe.)
- hingje (Bliuwst noch efkes hingjen?)
- wenje (Se bleau noch in jier yn Ljouwert wenjen.)
- stekke/stykje/stûkje (It papier bleau yn de printer stekken/stykjen/stûkjen.)
- plakke/kleve/klibje (Der bliuwt my wolris wat ûnder de skoech plakken/kleven/klibjen)
- bestean (Fryslân bliuwt altyd bestean!)
- driuwe (Hout bliuwt op wetter driuwen.)

Ast de Nederlânske sinnen hjirboppe oersetse wolst, moastst dus wat oars betinke. In pear foarbylden:

- Hij bleef maar zeuren.
- Hy eamele mar troch.

- De vliegtuigen bleven maar komen.
- De fleanmasines kamen en kamen mar.

- Hij blijft zich vervelen.
- Hy ferfeelt him noch hieltyd.

- Hij blijft op de muur beuken.
- Hy giet mar troch mei op 'e muorre slaan.

Jou fan de ûndersteande sinnen oan oft it tiidwurd 'bliuwe' der goed brûkt is. Sa nee, ferbetterje de sin dan.

1. Bliuwst noch efkes by my?
2. Dat minske bliuwt mar trochpraten oer har hûn.
3. Bliuwt der no alwer in fel papier yn it kopiearapparaat stekken?
4. Tinksto dat it Brabânsk noch lang bestean bliuwt?
5. Se bliuwt faak hiel lang wekker.
6. Hy bliuwt bûter op syn bôle smarren.
7. De hin bliuwt keakeljen.
8. Wêr bliuwt de tiid?
9. Bliuwst my no foar de gek hâlden?
10. Ik freegje my ôf oft dy hûn dêr noch lang rêstich lizzen bliuwt asto sa lûd praten bliuwst.

Les 15

15.1 Stavering

brekking

Dit haadstik behannelet in tal delgeande twalûden (*ie, ea, oa, oe*) en wat dêr oan feroarje kin. By delgeande twalûden leit it aksint op it earste part. By opgeande twalûden komt it aksint op it lêste part te lizzen. In delgeand twalûd kin feroarje yn in opgeand twalûd en as soks bart, neame wy dat 'brekking'. As in grûnwurd mei in '*ie*', '*ea*', '*oa*' of '*oe*' brûkt wurdt om in meartal, ferlytsingswurd, tiidwurd, gearstalling of ôflieding te meitsjen, wurdt it faak brutsen. Dus net altyd!

De útspraak fan de '*ie*' feroaret dan yn [ji], '*ea*' wurdt [je], '*oa*' wurdt [wa] en '*oe*' wurdt [wo].

Foarbylden:

| | |
|-----------|----------|
| grûnwurd: | meartal: |
| stien | stiennen |
| keal | keallen |
| doar | doarren |
| stoel | stuollen |

Der falle no twa dingen op:

- It bylûd wurdt nei in brutsen lûd ferdûbele, as dat kin (der komt in lûd nei).
- De stavering fan de '*oe*' feroaret yn '*uo*'.

De konklúzje soe wêze kinne, dat jin oan de stavering sjen kinne hoe't jin it wurd útsprekke moatte. Spitigernôch is dat net altyd sa. Sjoch mar ris nei it ûndersteande rychje:

| | |
|-------|-----------------------------------|
| stien | stientsje [stjintsje] (brutsen) |
| kiel | kieltsje [kieltsje] (net brutsen) |
| keal | kealtsje [kjeltsje] (brutsen) |
| bear | bearke [bearke] (net brutsen) |
| soan | soantsje [swantsje] (brutsen) |
| roas | roaske [roaske] (net brutsen) |

It is dus net altyd oan de stavering te sjen, oft in wurd brutsen útsprutsen wurde moat. By in tal wurden binne sawol de brutsen as net brutsen útspraak tastien. De brutsen útspraak hat lykwols de foarkar.

In pear fan dizze wurden:

healwei
kroadfol

Dan binne der noch wurden dy't in twalûd hawwe mei de útspraak [ji] en [je] dêr't gjin grûnwurd mear fan bekend is mei '*ie*' of '*ea*'. Sokke wurden staverje wy mei in '*ji*' en '*je*'.

Foarbylden:

| | |
|----------|-------|
| strjitte | kjeld |
| jiske | jerk |

| útspraak | stavering: grûnwurd en brekking | | stavering: gjinn grûnwurd |
|----------|------------------------------------|------------|------------------------------|
| | net brutsen | al brutsen | brutsen |
| ie/ji | ie | ie | ji |
| ea/je | ea | ea | je |
| oa/wa | oa | oa | oa |
| oe/uo | oe | uo | uo |

By tiidwurden komt brekking ek foar. Der binne in tal tiidwurden mei 'ie' en 'ea' dy't mei in brutsen foarm útsprutsen wurde.

It giet om de tiidwurden:

- gean (notiid: do giest, hy giet)
- stean (notiid: do stiest, hy stiet)
- hear(r)e
- fiel(l)e
- spiel(l)e
- sliepe (notiid: do sliepst, hy sliept, alle doetiidsfoarmen en mulwurd)

Dizze tiidwurden kinne mei en sûnder brutsen foarm útsprutsen wurde. De foarm dy't brûkt wurdt, hinget fan it plak yn Fryslân ôf.

By hear(r)e, fiel(l)e en spiel(l)e wurdt de net brutsen foarm mei ien 'r' of 'l' skreaun.

N.b. De tiidwurden: *moatte*, *boartsje* en *boarje* wurde altyd mei in brutsen foarm útsprutsen.

Lêste opmerking:

Der is ek noch in wurd dat brutsen útsprutsen wurde moat, mar dêr't wy it net oan sjen kinne. It is it wurd *leaver*, fan graach – leaver – leafst.

Opdracht a

Jou it meartal, ferlytsingswurd en in ôflieding of gearstalling fan de ûndersteande wurden:

Foarbyld: stien stiennen stientsje stienkrobbe

| | |
|-------|---------|
| jier | hoas |
| bear | keal |
| tean | beam |
| keal | skoalle |
| roas | koal |
| stoel | fear |
| kiel | priem |
| broer | hoed |
| tried | doar |
| soal | poel |

Opdracht b

Folje yn: *ea/je*, *ie/ji*, *oe/uo*, *oa* en ferdûbelje it bylûd as dat nedich is:

1. De tr.....nen rûnen him oer de wangen fan de k.....ld.
2. De grouwe b.....re fan ús b.....rman is juster op 'e str.....te d.....riden.
3. Wy g.....ne teg.....re nei de ts.....rke yn it d.....rp.
4. Mei de fûle st.....rm fanrjuster binne ts.....n b.....mkes omwaaid.
5. De sk....le krige in s.....d nij b.....rtersg.....d fan de b.....rgemaster.
6. Do m.....tst de leppels en f.....rken by de b.....rden lizze.

7. Yn 'e h.....rst wurde de b.....men h.....ltyd k.....ler.
8. Op de l.....der b.....re Jeltsje mei de b.....r in gat yn 'e m.....re.
9. Dy langtr.....derige ferhalen fan dy l.....raar d.....ren f.....rstente lang.
10. Yn myn sl.....p dr.....mde ik dat ik op 'e m.....nen it k.....tsen w.....

15.2 Ynterferinsjes

Yn de ôfrûne lessen hawwe wy fan alles leard oer tiidwurden yn it Frysk: oer de foarm, oer de folchoarder en oer it gebrûk fan *komme*, *gean* en *bliuwe*. Lit no ris sjen oft jim de stof goed yn 'e macht hawwe troch de flaters yn de ûndersteande sinnen te korrizjearjen.

1. As it bliuwt reinen, moatte wy in skûlplak gean sykjen.
2. Asto it net hast dien, soe ik net witte wa't dan de skuldige wêze kin.
3. Komst no wer by my eameljen, ferfelende fint?
4. Giest hjir ek sitten of wolst leaver bliuwe stean?
5. Soms sizze minsken dingen dy't se net moatte fertelle.
6. Giest mei húswurk meitsjen?
7. As alle dingen sa bliuwe soenen, dan soe der ek neat ferbetterje.
8. Soest dat sa kinne sizze of is it better om it oars út te drukken?
9. Der kaam it rôffûgel oanfleanen, mar it moskje seach krekt de oare kant út.
10. Sy hoopje dat harren partij de grutste wurdt, mar ik hoop dat mines giet winnen.

Meitsje it hokje foar de korrekte oanfolling swart:

1. Ik wol graach witte hoe't ik dat ...
 - A. dwaan kin
 - B. kin dwaan
2. 'Do meist dêr wol hingjen bliuwe' is ...
 - A. goed Frysk
 - B. min Frysk
3. 'Dat wol ik noch hiel lang dwaan bliuwe' is ...
 - A. goed Frysk
 - B. min Frysk
4. Witsto noch watsto juster ...
 - A. iten hast
 - B. hast iten
5. Soe dat lytse famke al ...
 - A. kinne fytse
 - B. fytse kinne
6. Kaam er by de buorlju ...
 - A. oanrinnen.
 - B. iten.
7. Giesto dêr ...
 - A. wenjen?
 - B. sitten?
8. Bliuwsto dêr ...
 - A. lizzen?
 - B. dûnsjen?

9. Hoe tinksto dat er dat ...

- A. meitsjen giet?
- B. meitsje sil?

10. Wolst dêr efkes rêstich ...

- A. sitten gear?
- B. gear sitten?

Les 16

16.1. Staving

Twalûden

Yn dit haadstik komme twalûden oan de oarder dy't mei trije letters stavere wurde.

aai

De 'aa' folge troch in 'i' sil foar de staving gjin problemen opleverje. Soks hat de Nederlânske taal ek. Fan belang is wol om te witten dat 'aai' by ferlytsingswurden en yn gearstallings by guon wurden ferkoarte wurde kin ta 'ai'. Wy komme der aanst op werom. Foarbylden:

| | | | |
|------|--------|-------|-----------|
| kaai | kaaien | kaike | kaaibosk |
| aai | aaien | aike | aaidjerre |

As 'aai' it efterheaksel 'ing' kriget, komt der in dielteken op 'e' 'i' fan 'ing'. Foarbylden:

klaaiïng
draaiïng

oei

Wannear't op it oe-lûd in 'i' folget, is de staving altyd mei in 'oe'.

boei
groei

oai

It twalûd 'oai' komt oerien mei de Nederlânske staving 'ooi'.

moai
rampoai

iuw / ieu

Wurden dêr't wy 'iuw' yn skriuwe, wurde yn ferskillende streken fan Fryslân ferskillend útsprutsen. Ferlykje dyn útspraak fan 'bedriuw', 'skriuwe' en 'liuw' mar ris mei dy fan dyn klasgenoaten.

Yn wurden dy't yn alle streken yn Fryslân it twalûd út 'ieu' (perioade fan 100 jier) hawwe, skriuwe wy altyd 'ieu'. Dat binne mar in pear wurden, nammentlik:

| | | |
|------|--------|-----------|
| ieu | | |
| Sieu | Sieusk | Hebrieusk |

eau

De útspraak fan wurden mei 'eau' leit net fêst en dêrom jout de staving noch wolris wat betizing. Sjoch earst mar ris nei de foarbylden:

sleau
ik skreau in boek.
leauwe
ik bin thús bleaun

Opdracht

Folje yn: in wurd mei *aai*, *ai*, *oei*, *oai*, *ieu*, *iuw* of *eau*.

1. Doe't ik de doar mei de (sleutel) fan 't slot dwaan woe, foel it.....
(fiets sleuteltje) op 'e grûn.
2. Ik (geloof) dat hy in boek (schrijven) wol oer it libben fan
..... (leeuwen).
3. In (eeuw) lyn droegen se noch tige plechtige (kleding)
4. It (Zeeuwse bedrijf) hat bot lêst fan de
(meeuwen)
5. Hy(duwde) de boel yn 'e kast, (draaide) him om en
gong fuort.
6. It wie(mooi) waar, echt waar om te (eierzoeken)
7. De brommer wie(kapot), dat wy moasten it hiele ein rinne.
8. Jin krije der wol(trek/eetlust) fan!

16.2. Ynterferinsjes

Yn it Nederlânsk besteane formulearringen lykas *met z'n tweeën*, *met z'n tienen*, *met z'n allen*. Ast dy yn it Frysk oersetst, dan kinst net *syn* brûke as oersetting fan it Nederlânske *z'n*. Yn it Frysk moastst in besittlik foarnamwurd kieze dat past nei de persoanen dêr't it betrekking op hat. In pear foarbylden:

-Het Nederlandse team moest het z'n tienen zien te rooien.
-**It Nederlânske team** moast it mei **syn** tsienen rêde.

-We gaan met z'n vijven naar Rusland op vakantie.
-**Wy** geane mei **ús** fiven nei Ruslân op fakânsje.

-Passen jullie wel met z'n allen in dat Golfje?
-Passe **jim** wol mei **jim** allen yn dat Goflke?

-De studenten liepen met z'n tweeën de kroeg binnen.
-**De studinten** rûnen mei **har twaen** de kroech yn.

Foar *met z'n tweeën* kin men yn it Frysk ek *tegearre* brûke. As nei *met z'n* in getal komt, kinst yn it Frysk ek de konstruksje fan dat getal mei *-resom* brûke. Foarbylden:

-It Nederlânske team moast it tsienresom rêde.
-Wy geane fiifresom nei Ruslân ta op fakânsje.
-De studinten rûnen tegearre/twaresom de kroech yn.

Set no oer yn it Nederlânsk:

1. De famkes wienen trijeresom oan it sniepopmeitsjen.
2. Mei har fiven wienen de leararen mei de tentamens dwaande.
3. Jim meie dy opdracht wol tegearre meitsje.
4. Peter, Paul en Mary songen gauris mei har trijen.

Set oer yn it Frysk:

1. Hebben jullie dat alleen of met z'n tweeën gedaan?
2. De schapen wilden met z'n allen over de dam lopen.
3. We kunnen dat beter niet met z'n drieën doen.
4. Als de kinderen met z'n tienen op één kamer liggen, komt er van slapen niet veel.
5. De boze voetballers stormden met z'n elven op de scheidsrechter af.

Les 17

17.1. Staving

Trijelûden

It Frysk hat njonken ien- en twalûden noch in pear trijelûden 'oai' en 'uoi'. De 'iuw', de 'eau' en de 'jou' klanken (yn fjouwer) wurden troch guon skriuwers ek ta de trijelûden rekkene, mar dat hinget ek wat fan de útspraak ôf. Dizze klanken hawwe wy al earder op it aljemint hân.

oai

De oai kin op twa manieren útsprutsen wurde, as twalûd of as trijelûd:

| | |
|---------------------|--|
| Twalûd: moai [mooi] | trijelûd: moaier [mwaaiier]; is brutsen útsprutsen |
| | moaist [mwaaiist] |
| koai [kooi] | koai [kwaai] |
| | boaiem [bwaaium] |

Wat foar ferskil makket it eins yn betsjutting as it wurd 'koai' al of net brutsen útsprutsen wurdt?

uoi

De letterkombinaasje 'uoi' wurdt altyd as trijelûd útsprutsen.

muoike [mwoike]

muoite [mwoite]

muoilik [mwoiluk]

foui [fwoi]

Jou de betsjutting fan de fjouwer neamde 'uoi'- wurden.

Untliening

In taal stiet hast noait hielendal op himsels, mar wurdt troch de jierren hinne beynfloede troch oare talen. Hiele wurden wurde oernommen en min of mear oanpast oan de eigen taal, yn ús gefal it Frysk. Der binne wurden by, dy't wy no ferslute foar tige Fryske wurden, mar dy't dochs oernommen binne út in oare taal.

Yn de Romeinske tiid binne der hiel wat Latynske wurden yn it Frysk telâne kommen. De Romeinen wienen yn guon opsichten fierder ûntwikkele en brochten nije dingen yn it Fryske libben. Foarbylden: muorre, tafel, finster, souder, kelder, oerémus, leksum en in amerij. Dat lêste wurd komt fan it Ave Maria, it koartste gebed. De tiid dy't nedich wie foar dat gebed, neamden se in avemarij en letter in amerij.

Nei 1500 kamen de Frânske wurden yn it Frysk. Benammen yn de hegere kringen waard in soad Frânsk praten en sa dwaande binne der hiel wat Frânske wurden ferfryske. Bygelyks: avensearje, ferrinnewearje, perfoarst en delegaasje.

It Nederlânsk hat de grutste ynfloed hân op it Frysk en tsjintwurdich komme der ek al hieltyd mear Ingelske wurden yn ús taal telâne. Meastal net streekrjocht, mar fia it Nederlânsk.

Staving frjemde wurden 1

De letters *q* en *x* komme yn de Fryske staving net foar. De letter *c* allinnich mar yn kombinaasje mei de *h* as: *ch*. Yn it Frysk kin de *ch* net oan it begjin fan in wurd stean. Utgeande fan it Nederlânsk kin sein wurde dat:

q wurdt *k* of *kw*

foarbylden: kosjint (quotiënt); kwotum (quotum)

x wurdt *ks*
foarbylden: faks (fax); taksy (taxi)

c wurdt *s* of *k* (harkje nei de útspraak!)
foarbylden: sintrum (centrum); sint (cent); kafee (café);

ch wurdt *g*, *k*, *s* of *sj* (skriuwe nei't de útspraak is)
foarbylden: gemy (chemie); kursus (cursus); Sinees (Chinees); sjef (chef)

Opdracht

Set de Nederlânske wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|------------|-------|-------------|-------|
| completeet | | equivalent | |
| circus | | accent | |
| complex | | activiteit | |
| xylofoon | | accu | |
| cultuur | | equator | |
| chirurg | | archieff | |
| chaos | | cliché | |
| chloor | | chronologie | |
| chauffeur | | cholera | |
| chrystant | | chroom | |
| parachute | | chocola | |
| claxon | | cheque | |

17.2. Ynterferinsjes

It Nederlânske 'boos' kin op ferskillende manieren yn it Frysk oerset wurde:

* **liik, lulk** (om in bui oan te jaan, in tydlike emoasje)

Foarbylden:

Afke seach har broer liik/lulk oan.

Wêrom wie heit sa liik/lulk?

Mei in liik/lulk gesicht kaam Johanna de trap del.

De krante krige allegear lilke brieven.

* **boas** (om in min karakter oan te jaan)

Foarbylden:

Yn dat wâld wennet in grutte boaze wolf.

De boaze hekse betsjende dy earme Ron.

Der wie gjin sprake fan boaze opset.

De duvel wurdt ek wol de Boaze neamd.

Noch in pear wurdjes dy't wolris problemen jouwe:

* **fleurich**

Dit wurd kin brûkt wurde foar it Nederlânske 'vrolijk', 'opgewekt'.

Foarbylden:

Tetsje rûn fleurich fluitsjend tusken de blomkes fan it park troch.
Us mem is in fleurich minske.

*** blier**

Dit wurd kin ek brûkt wurde foar 'vroljik', 'opgewekt' fan uterlik.

Foarbylden:

Us mem is in blier minske.

Se laket altyd sa blier.

Sjoerdsje liket sa'n blier famke, mar neffens my fielt se har hielendal net sa fleurich.

*** sin**

Foar it Nederlânske 'humeur' brûke wy yn it Frysk meast 'sin'.

Foarbylden:

Peter hat altyd in goed sin.

Wêrom hast sa'n min sin?

It sin stiet my der hjoed net nei om nei beppe ta.

*** sinnich**

It wurd 'sinnich' kin ferskillene betsjuttingen krije. Ien is 'humeurig', 'chagrijnig'. It kin ek brûkt wurde foar 'kieskeurig'. Wer in oare betsjutting is 'inspannend', 'veel concentratie vergend'.

Foarbylden:

Wat wie de juf hjoed sinnich, se snaude elkenien ôf.

Ik mei alles, ik bin alhielendal net sinnich mei iten.

Om in tried troch de nuddel te krijen, dat is in sinnich wurkje.

Tink derom: 'sinnich' is net it Nederlânske 'zonnig'. Dêr ha wy net in direkte oersetting foar.

Foarbylden:

Het is een zonnige dag. - It is in dei mei in soad sinne.

Wat is het heerlijk zonnig. - Wat is it heerlijk sinneskynwaar.

Opdracht:

Set no oer yn it Frysk mei gebrûk fan de hjirboppe besprutsen wurden:

1. Mijn vader keek erg boos toen hij ontdekte dat ik een deuk in de auto had gemaakt.
2. We zijn allemaal vrolijk omdat het zo lekker zonnig is.
3. Janneke kijkt altijd zo vrolijk.
4. Hannes heeft een opgewekt karakter.
5. In dat sprookje werden de kinderen vermoord door de boze buurman.
6. Er huppelde een vrolijk meisje door de straat.
7. Niet zo kieskeurig, hoor, anders kook je zelf maar.
8. Geloof jij dat hij daar boze bedoelingen mee heeft?
9. Die reparatie was wel een inspannend karwei.
10. Mijn moeder had vandaag een bijzonder goed humeur.

Tiidwurden

De -n-foarm

De -n-foarm, ek wol doelfoarm neamd, fan it tiidwurd krije wy as wy oan de ynfinityf in útgongs-n taheakje. Dat bart yn de ûndersteande gefallen:

- As it tiidwurd as haadwurd brûkt wurdt: *It iten is kâld wurden; it rinnen fan beppe wurdt minder.*
- As it tiidwurd foarôf gien wurdt troch 'te': *Wy sille te fiskjen; it begjint alwer te reinen.*
- Yn bepaalde kombinaasjes fan tiidwurden:
 - nei 'gean' as helptiidwurd: *Ik gean sitten; Ik gean lizzen.*

- Nei 'bliuwe' as helptiidwurd: *Hy bliuwt hingjen; It papier bleau stykjen yn it apparaat.*
- Nei 'komme' by bewegingstiidwurden mei 'oan': *Sy kaam oanriden; de do kaam op him ta (oan)fleanen.*
- Yn ferbining mei waarnimmingstiidwurden sa as 'hearre', 'sjen' en 'fiele': *ik hear him sjongen; hy seach de hûn rinnen; ik fiel it wetter oer de rêch rinnen.*

It Frysk hat sân tiidwurden mei in ynfinityf dy't op in –n einget, bygelyks: 'jaan' en 'dwaan'. Sokke tiidwurden krije gjin ekstra 'n' en dus kinne wy net daliks sjen oft it tiidwurd yn de doelfoarm stiet.

Opdracht a

Set de ûndersteande sinnen oer yn it Frysk:

1. Gistermiddag om ongeveer vier uur begon het te sneeuwen.
2. 'Ga maar op zolder spelen!', riep mama.
3. Gaan wij morgen samen schaatsen?
4. Het fietsen gaat niet door, omdat sommige sporters doping hebben gebruikt.
5. Zij voelden de zware storm al aankomen.
6. Het paard kwam snel op ons toe lopen.
7. Door het slechte weer zag ik de auto niet aankomen.
8. Je kunt wel even helpen afwassen!
9. De zegels willen niet op de kaart blijven plakken.
10. Blijven jullie in Lemmer wonen?

Les 18

18.1 Stavering

Frjemde wurden 2

Stomme 'h'

Yn it Nederlânsk binne der in tal wurden dy't in stomme 'h' hawwe, bygelyks: thema, theorie en apathie. It Frysk hat sokke wurden opnommen, mar wy skriuwe de stomme 'h' dan net. Wy skriuwe *tema*, *teory* en *apaty*. Der is ien útsûndering en dat is de 'h' yn it wurd *'thús'*.

Opdracht a

Set de ûndersteande wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|-------------|-------|-------------|-------|
| sympathie | | ethiek | |
| ether | | theater | |
| authentiek | | theologie | |
| apotheek | | bibliotheek | |
| methode | | therapie | |
| thuiswerker | | thermostaat | |

útgongen -int en -ins

De Nederlânske letterkombinaasjes '-ent' en '-ens' wurde yn 't Frysk mei '-int' en '-ins' skreaun as se mei in 'i' útsprutsen wurde. Foarbylden: *sintraal*, *studint*, *presinsje*, *kondins*.

Utsûnderingen op dizze regel binne: *kommentaar*, *identyk*, *dentaal*, *fentyl* en *fentilaasje*.

Opdracht b

Set de folgjende wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|------------|-------|------------|-------|
| patiënt | | cliënt | |
| president | | intentie | |
| centrum | | consequent | |
| telelens | | absent | |
| concurrent | | cent | |
| cement | | immens | |

bylûd + j

As yn in frjemd wurd nei in bylûd in 'j' te hearren is yn it Frysk, dan wurdt dy 'j' ek skreaun. Foarbylden:

| | | | |
|----|------|----------------|----------------|
| gn | > nj | Frysk: | NI: |
| ci | > sj | sinjaal | signaal |
| ti | > sj | sosjaal | sociaal |
| ll | > lj | inisjatyf | initiatief |
| si | > sj | kariljon | carillon |
| | | ekspresjonisme | expressionisme |

wurdeinen

Wurdeinen: It Nederlânske wurdein '-ie' wurdt yn it Frysk stavere mei:

- y, as it klam kriget: demokrasy, religy

Wurdeinen: It Nederlânske wurdein '-ie' wurdt yn it Frysk stavere mei:

- y, as it klam kriget: demokrasy, religy
- je, as it gjin klam kriget: ministearje

De ûnbeklamme wurdeinen wurde stavere mei:

- sje: By de Nederlânske útgong: -cie, -tie en -sie
Foarbylden: provinsje, edysje, kommisje.

- zje: As yn 'e útspraak in 'z' te hearren is. Dat is it gefal by de folgjende útgongen yn Nederlânske wurden:

| | | | |
|-------|-----------------------|--------|-----------|
| -ge | garaazje, privileezje | -isie | televyzje |
| -usie | fúzje | -ersie | ferzje |
| -idie | subsydzje | -che | resjerzje |

De Nederlânske ûnbeklamme útgong '-gie' wurdt yn it Frysk stavere as:

- zjy: bygelyks: enerzjy

Opdracht c

Set de folgjende wurden oer yn it Frysk:

| | | | | | |
|--------------|-------|-----------|-------|----------------|-------|
| aristocratie | | illusie | | academie | |
| regie | | taxi | | conclusie | |
| potentieel | | prestige | | medaille | |
| champignon | | prestatie | | situatie | |
| college | | compagnon | | advertentie | |
| horloge | | vakantie | | religie | |
| officieel | | stage | | discussie | |
| televisie | | campagne | | differentiatie | |

Frjemde wurden mei in 'y' en in 'i'

Wichtichste regels:

Begjin wurdt in 'y', as it in sletten wurdlied is: *ynternasjonaal, yllegaal, ymplisyt, yrreeël*

Midden yn in wurdlied 'y': *fossyl, synonym, alternatyf, parasyt*

Ein fan in wurdlied in 'y' of in 'i'. It hinget fan it Nederlânske wurd ôf. As der yn it Nederlânsk in 'y' skreaun wurdt, skriuwt it Frysk ek in 'y', ek as dat tsjin de regel (regel: iepen wurdlied in 'i') yn is.

Foarbylden: *type, synonym*

As it Nederlânsk wol in 'i' skriuwt docht it Frysk it ek.

Foarbylden: *piramide, silinder*

Ein wurd in 'y': *aliby, politisy*

N.b. De Nederlânske útgong '-isch' wurdt yn it Frysk '-ysk'. Foarbyld: *logysk*

Opdracht d

Set de folgjende wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|-------------|-------|--------------|-------|
| interessant | | psycholoog | |
| pedagogisch | | invalide | |
| pyromaan | | typisch | |
| telepatie | | interpunctie | |

| | | | |
|-----------|-------|-------------|-------|
| irrigatie | | interieur | |
| didactiek | | subtiel | |
| passief | | miniem | |
| poliep | | clandestien | |
| venijn | | sulfiet | |

18.2. Ynterferinsjes

It Nederlânske 'vangen' wurdt tsjintwurdich hast altyd yn it Frysk oerset as 'fange'. Dochs binne der yn it Frysk fanâlds twa wurden foar, dy't je net trochinoar hinne helje meie.

* **heine** is 'út de loft gripe' of yn it Nederlânsk 'opvangen', dus wat je by in balspul mei de bal dogge of mei in faas as dy fan 'e kast falt.

* **fange** is 'achternei sitte en dan gripe' of 'gefangen nimme', dus wat de plysje mei in misdiediger docht, of in jager mei syn proai.

Datselde dat fongen wurdt, kin mei 'fange' ien wurd foarmje yn it Frysk: 'miggefange', 'boevefange', 'mûzefange'.

Foar it Nederlânske 'opvangen' yn de betsjutting 'tydlik soargje foar' wurde yn it Frysk 'opheine' en 'opfange' trochinoar hinne brûkt.

Foarbylden:

Wolsto de bern nei skoaltiid efkes opheine/opfange?

Asto om tsien oere by it stasjon bist, kin ik dy dêr wol opheine/opfange.

It reisburo hie in meiwurker stjoerd om ús op te heinen/fangen op it fleanfjild.

De útdrukking 'Je soenen der apen mei fange' wurdt brûkt foar minsken dy't har op in ûnmooglike manier gedrage.

Foarbyld: No is dy jonge al wer te let. Je soenen der dochs apen mei fange.

Wy ha yn it Frysk ek noch de moaie útdrukking 'by de tomme heine'. Dat wol sizze: sunich wêze mei it útdielen fan it ien of oar.

Foarbyld: Yn de beautyfarm waarden de froulju by de tomme heind; se krigen deis net mear te iten as in pear bledsjes slaad en rauwe woartel.

Opdracht:

Gean nei oft de ûndersteande sinnen yn geef Frysk skreaun binne. As dat net sa is, ferbetterje se dan.

1. As ik dy de bal tasmyt, moatsto besykje om him te fangen.
2. De plysje koe de boef net fange.
3. It lân leit fol bulten, wy moatte mar ris te molleheinen.
4. Net mear as tsien euro woe se my betelje. Je soenen der dochs apen mei heine, mei sa'n frommes.
5. De iene akrobaat fong de oare nei syn salto.
6. De slachtoffers waarden opheind yn 'e pleatslike sporthal.
7. Wy waarden by de tomme heind yn it weeshûs.
8. Katten meie graach mûzefange.
9. Tinksto datst my heine kinst as ik fal?
10. De bern dienen in spultsje, se moasten besykje om inoar mei in hoepel te fangen.

Les 19

19.1. Staving

Frjemde wurden 3

eau en ou

De Frânske 'eau' mei de útspraak 'o' wurdt yn it Frysk skreaun as: 'o'

De Frânske 'ou' mei de útspraak 'oe' wurdt yn it Frysk skreaun as:

- 'oe': foar 'r'

- 'û': yn de oare gefallen

Opdracht a

Skriuw de folgjende wurden op syn Frysk:

| | | | |
|------------|-------|-----------|-------|
| bureau | | bougie | |
| journalist | | niveau | |
| bouillon | | route | |
| coureur | | boutique | |
| tournee | | courgette | |
| couveuse | | couplet | |

ai, ê, è, ei

De Frânske lûdtekens 'ai', 'ê', 'è' en 'ei' útsprutsen as in 'é' fan 'béd', wurde yn it Frysk ek skreaun mei in 'ê'.

| | |
|------------|-----------|
| - literair | - literêr |
| - enquête | - enkête |
| - misère | - misêre |
| - beige | - bêzje |

Opdracht b

Set de ûndersteande wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|-----------|-------|----------|-------|
| punaise | | malaise | |
| mayonaise | | nucleair | |
| affaire | | elitair | |
| cassière | | | |

De útgong '-se'

De útgong '-se' yn frjemde wurden, wurdt yn it Frysk skreaun as: '-ze'.

Foarbylden: *faze*, *punêze*.

Opdracht c

Set ûndersteande wurden oer yn it Frysk:

| | | | |
|----------|-------|---------|-------|
| oase | | narcose | |
| couveuse | | neurose | |

gelyk as yn it Nederlânsk

Wurdeinen dy't deselde stavering hâlde:

- ot: depot, maillot
- oir: trottoir, dressoir
- ois: boerzois
- os: toernedos
- ier: konferensier, atelier
- er: sûper
- et: filet
- ert: dessert, ekspert
- ort: komfort

19.2. Ynterferinsjes

Lofts steane útdrukkingen yn letterlik oerset Hollânsk (min Frysk dus). Rjochts dêrneist steane deselde útdrukkingen, mar dan yn geef Frysk. Der ûntbrekt lykwols hieltyd in stikje. Besykje om de útdrukkingen mei help fan dyn wurdboek ôf te meitsjen. It tal puntsjes komt oerien mei it tal ûntbrekkende letters.

1. wy geane derfan troch - wy naaie ..
2. se skammet sich derfoar - se skammet ... derfoar
3. fan it kastje nei de muorre stjoere - fan de bok op 'e stjoere
4. fan de hak op de tak - fan it yn 'e klompen
5. wa stiet dêr oan it hoofd? - wa stiet dêr oan it?
6. dat feit wol ik nochris beklemtoane - op dat feit wol ik nochris de lizze
7. moatst dy bern net sa kleineare - moatst dy bern net sa del.....
8. se sochten yn alle hoeken en gatten - se sochten yn alle hoeken en h.....
9. tusken noas en lippen troch - tusken de ierdappels en de
10. hy hie lêst fan 'e darmen - hy hie lêst fan 'es

Les 20

Werhellingsles

20.1. Stavering



Ut: Skriuwtaal

Opdracht:

Set oer yn it Frysk:

1. De twee serieuze vrienden fietsten zaterdag zo'n honderd kilometer door de natuur.
2. Op de markt waren al nieuwe aardappelen, frambozen en rode bessen te koop.
3. Mijn favoriete eten is capucijners met rauwkost en als toetje karnemelksegoortpap.
4. Je moet nog vorken en lepels bij de borden leggen!
5. In de herfst gaat Jan met de ladder de perenbomen langs om ze te snoeien.
6. De chauffeur van het departement kwam een bos chrysanten brengen.
7. Het sleutelje van het depot was kapot gedraaid.
8. De malaise was compleet na het zingen van het derde couplet.
9. De nieuwe methode om chroom extra te laten blinken, werkte niet.
10. Het horloge van mijn compagnon lag nog op het dressoir.
11. Wilt u mij dat dat boek even aangeven, moeder?
12. Iedereen kan wel zeggen dat daar niemand is geweest.
13. De schaduw viel precies over de kin van de Amerikaan.
14. Wat sommige mensen beweren raakt kant noch wal.
15. Wim is met zijn broek aan zijn fiets blijven hangen.